



In Klear Lûd

Coalitieakkoord 2026 - 2030
gemeente Opsterland



In Klear Lûd

Coalitieakkoord 2026 - 2030

Vol trots presenteren wij ons coalitieakkoord. Onze partijen hebben een zeer duidelijk mandaat gekregen van de kiezer. Opsterlanders willen politiek die dichtbij ze staat. Die naar ze luistert en kijkt naar wat de inwoner van Opsterland écht nodig heeft. De verkiezingsuitslag is een helder signaal dat wij uiterst serieus moeten nemen. Wij staan te trappelen om aan de slag te gaan en die extra stappen te zetten om de plannen uit dit akkoord uit te voeren.

Opsterland valt niet in een paar simpele woorden te vatten. Het is een gemeente met prachtige natuer, rust, ruimte en een sterke mienskip. Met zestien dorpen, die allemaal hun eigen karakter hebben. Eigen frijwilligers, verenigingen, ondernemers, cultuur en een eigen identiteit. Dat maakt onze dorpen een fijne plek om te wonen. Waar we naar elkaar omkijken en voor elkaar zorgen.

Die verbondenheid is het fundament van Opsterland. Het maakt dat we als coalitie vooruit kunnen kijken en stevig geworteld blijven in wat ons sterk maakt. Tegelijkertijd zien wij dat die stevige basis soms onder druk staat. Denk aan een gebrek aan woningen, een terugloop van frijwilligers en voorzieningen die de deuren moeten sluiten. Goed beleid in onze gemeente vraagt dus maatwerk en kwaliteit. Daar betrekken wij de dorpen actief bij. Onze ambitie is een Opsterland met bloeiende dorpen, waar we voor elkaar zorgen en ons thuis voelen.

Onze partijen zien de uitdagingen in deze gemeente. Denk aan de toekomst van het plattelân, de energietransitie, tekorten in de zorg en de financiële ontwikkelingen vanuit het Rijk. Dat vraagt om lastige, realistyske en soms ook pijnlijke keuzes. Daar moeten wij eerlijk en transparant over zijn. Toegeven dat een besluit vervelend is en uitleggen waarom de keuzes dan toch gemaakt worden, waarbij wij oog houden voor de mensen die deze keuzes treft.

In Klear Lûd

Koälysje-akkoart 2026 - 2030

Grutsk presintearje wy ús koälysje-akkoart. Us partijen hawwe in klear lûd krigen fan de kiezer. Opsterlanners wolle polityk dy't tichteby har stiet. Dy't nei har harket en sjocht nei wat de ynwenner fan Opsterlân echt nedich hat. De ferkiezingsútslach is in klear lûd dat wy tige serieus nimme moatte. Wy binne út de skroeven dat wy oan de slach kinne en dy ekstra stappen te setten om de plannen út dit akkoart út te fieren.

Opsterlân falt net yn in pear ienfâldige wurden te fetsjen. It is in gemeente mei prachtige natuer, rêst, romte en in sterke mienskip. Mei sechstjin doarpen, dy't allegearre in eigen karakter hawwe. Eigen frijwilligers, ferieningen, ûndernimmers, kultuer en in eigen identiteit. Dat makket ús doarpen in noflik plak om te wenjen. Dêr't wy nei-inoar omsjogge en foar inoar soargje.

Dy ferbûnens is it fûnemint fan Opsterlân. It makket dat wy as koälysje foarút sjen kinne en krêftich woartele bliuwe yn wat ús sterk makket. Tagelyk sjogge wy dat dy krêftige basis bytiden ûnder druk stiet. Tink oan in ferlet fan wenten, in weromrin fan frijwilligers en foarsjennings dy't de doarren slute moatte. Goed belied yn ús gemeente freget dus maatwurk en kwaliteit. Dêr belûke wy de doarpen aktyf by. Us ambysje is in Opsterlân mei bloeiende doarpen, dêr't wy soargje foarinoar en ús thús fiele.

Us partijen sjogge de útdagings yn dizze gemeente. Tink oan de takomst fan it plattelân, de enerzjytransysje, tekoarten yn de soarch en de finansjele ûntwikkelingen fan it Ryk út. Dat freget om lêstige, realistyske en bytiden ek pynlike karren. Dêr moatte wy earlik en transparant oer wêze. Tajaan dat in beslút ferfelend wêze kin en útlizze wêrom't de karren dan dochs makke wurde, wylst wy each hâlde foar de minsken dy't troch dizze karren troffen wurde.

Verwacht van dit college geen opgepoetste waarheid, wij willen klare taal spreken. In dit akkoord maken wij concrete en uitvoerbare keuzes. Onze raad, onze inwoners en onze eigen fracties zullen ons scherp houden. En gedegen kritiek nemen wij uiterst serieus.

Wij kijken uit naar de komende vier jaar.

Anneke Oosterwoud
Opsterlands Belang

Marcel van Opzeeland
Opsterlands Belang

Jaco de Jong
Opsterlands Belang

Bert Koonstra
Fryske Nasjonale Partij

Harm de Jong
Fryske Nasjonale Partij

Ferwachtsje fan dit kolleezje gjin oppoetse wierheid, wy wolle in klear lûd sprekke. Yn dit akkoart meitsje wy konkrete en útfierbere karren. Us ried, ús ynweners en ús eigen fraksjes sille ús skerp hâlde. En boarge krityk nimme wy tige serieus.

Wij sjogge út nei de kommende fjouwer jier.

Anneke Oosterwoud
Opsterlands Belang

Marcel van Opzeeland
Opsterlands Belang

Jaco de Jong
Opsterlands Belang

Bert Koonstra
Fryske Nasjonale Partij

Harm de Jong
Fryske Nasjonale Partij



Inhoud

Bestuur en Ondersteuning	6
Veiligheid	10
Verkeer en Vervoer	12
Economie	15
Onderwijs	18
Sport, Cultuur en Recreatie	19
Sociaal Domein	27
Volksgesondheid en Milieu	36
Bouwen, Wonen en Gronden	41
Financieel Overzicht	46
Voorgestelde Portefeuilleverdeling	49

Ynhâld

Bestjoer en Stipe	6
Feiligens	10
Ferkear en Ferfier	12
Ekonomy	15
Underwiis	18
Sport, Kultuer en Rekreaasje	19
Sosjaal Domein	27
Folkssûnens en Miljeu	36
Bouwen, Wenjen en Grûnen	41
Finansjeel Oersjoch	46
Foarstelde Portefúljeferdieling	49

Bestuur en Ondersteuning

Thema Bestuur

Wij willen een bestuur dat zichtbaar, benaderbaar en stevig geworteld is in Opsterland. Het college en de gemeenteraad werken samen als één lokaal bestuur, met korte lijnen en duidelijke rollen. Wij willen mensen inspireren om meer betrokken te zijn bij hun leefomgeving met als doel het stimuleren van de gemeenschapszin. Tegelijk realiseren we ons dat veel opgaven niet ophouden bij de gemeentegrens. Daarom werken we samen in de regio waar dat nodig is. Daarbij stellen we altijd de belangen van Opsterland voorop en zorgen we dat we zelf grip houden op keuzes, uitvoering en kosten.

We staan voor een toegankelijk en slagvaardig bestuur dat dichtbij inwoners staat en werkt vanuit vertrouwen. Hier hoort een sterke samenwerking tussen gemeenteraad en college bij. Daarnaast zetten we in op effectieve samenwerking met verbonden lokale partijen én in de regio, met behoud van eigen regie en invloed.

Dit gaan we doen

- We kiezen voor een compact en daadkrachtig college met drie wethouders;
- Democratie staat voor ons voorop. We willen onze inwoners uitdagen om betrokken te zijn bij de lokale politiek en om te gaan stemmen. Daarom verruimen we het beleid voor verkiezingsuitingen van politieke partijen, waardoor de zichtbaarheid van de politieke partijen verbetert. We denken daarbij aan het plaatsen van verkiezingsborden in de openbare ruimte en het verspreiden van politieke reclame;
- We continueren de dorpswethouders om de verbinding met onze dorpen te versterken;
- We blijven investeren in een constructieve samenwerking met de raad;
- We blijven een zelfstandige gemeente en ontwikkelende samenwerking in OWO-verband (de samenwerking tussen Opsterland, Weststellingwerf en Ooststellingwerf) waar dat logisch is en de kwaliteit van dienstverlening verbetert;

Bestjoer en Stipe

Tema Bestjoer

Wy wolle in bestjoer dat sichtber is, tagonklik, en stevich woartele yn Opsterlân. It kolleezje en de gemeenteried wurkje gear as ien lokaal bestjoer, mei koarte linen en dúdlike rollen. Wy wolle minsken ynspirearje om mear belutsen te wêzen by har omjouwing mei as doel it stimulearjen fan de mienskipssin. Tagelyk realisearje wy ús dat in soad opjeften net ophâlde by de gemeentegrins. Dêrom wurkje wy gear yn de regio dêr't dat nedich is. Dêrby stelle wy altyd de belangen fan Opsterlân foarop en soargje wy dat wy sels grip hâlde op karren, útfiering en kosten.

Wy stean foar in tagonklik en slachfeardich bestjoer dat ticht by ynweners stiet en wurket op basis fan fertrouwen. Hjir heart in sterke gearwurking tusken de gemeenteried en it kolleezje by. Dêrneist sette wy yn op effektive gearwurking mei ferbûne lokale partijen én yn de regio, mei behâld fan eigen regy en ynfloed.

Dit dogge wy

- Wy kieze foar in kompakt en krêftdiedich kolleezje mei trije wethâlders;
- Demokrasy stiet foar ús foarop. Wy wolle ús ynweners útdaagje om belutsen te wêzen by de lokale polityk en om te stimmen te gean. Dêrom ferromje wy it belied foar ferkiezingsuteringen fan politike partijen, wêrtroch't de sichtberens fan de politike partijen ferbetteret. Wy tinke dêrby oan it pleatsen fan ferkiezingsbuorden yn de iepenbiere romte en it fersprieden fan politike reklame;
- Wy sette de doarpswethâlders troch om de ferbining mei ús doarpen te fersterkjen;
- Wy bliuwe ynvestearjen yn in konstruktive gearwurking mei de ried;
- Wy bliuwe in selsstannige gemeente en ûntwikkelje de gearwurking yn OWO-ferbân (de gearwurking tusken Opsterlân, Weststellingwerf en Eaststellingwerf) dêr't dat logysk is en de kwaliteit fan tsjinstferliening ferbetteret.
- Wy bliuwe ynsetten op oare regionale gearwurkingen, lykas yn de gearwurkingsferbannen mei de P10 en mei Súdeast-Fryslân, en bewekje dêrby ús eigen koers en belangen. Wy sette de gearwurking mei it Ryk en de regio

- We blijven inzetten op andere regionale samenwerkingen, zoals in de samenwerkingsverbanden met de P10 en met Zuidoost-Friesland, en bewaken daarbij onze eigen koers en belangen. We zetten de samenwerking met het Rijk en de regio voort in het Nationaal Programma Vitale Regio's. Hiermee positioneren we onszelf als regio in de lobby naar het Rijk en de provincie en bewaken ook hierbij onze eigen koers en belangen;
- We continueren onze inzet binnen het EuropaPact Fryslân en nemen deel aan de European Week of the Regions om de verbinding met Den Haag en Brussel te behouden, dit om onze lobbypositie en kansen voor subsidievererving optimaal te benutten;
- We kiezen bij de overige internationale samenwerkingen bewust voor focus. Waar we in het verleden actief waren in veel verschillende verbanden, laten we deze rol nu grotendeels over aan andere partijen;
- We zetten in op deregulering en het stroomlijnen van procedures, zodat onnodige regeldruk wordt verminderd;
- We evalueren met de raad en het college de nieuwe vergaderstructuur in het eerste kwartaal van 2027;
- We voeren jaarlijks een tussenrapportage op het coalitieakkoord uit om te monitoren of we op koers liggen, de voortgang van onze afspraken te beoordelen en waar nodig bij te sturen.

Thema Dienstverlening en Organisatie

Wij willen een gemeente zijn die denkt en handelt vanuit dienstverlening aan de inwoners. Een organisatie die niet alleen kijkt naar de papieren werkelijkheid, maar vooral de vraag van inwoners en ondernemers centraal stelt en daarbij streeft naar minder regeldruk. Dat vraagt om ambtenaren die proactief meedenken aan oplossingen en ruimte geven aan initiatieven uit de samenleving die passen binnen de vastgestelde kaders.

Wij werken toe naar een dienstverlenende en toegankelijke gemeentelijke organisatie die dichtbij inwoners en ondernemers staat. Dat betekent dat we streven naar snelle, duidelijke en betrouwbare dienstverlening, waarbij we het zo makkelijk mogelijk maken voor inwoners. Als dat niet eenvoudiger kan, bieden we persoonlijke ondersteuning. Tegelijk bouwen we aan een toekomstbestendige organisatie die doelmatig en efficiënt is ingericht, met voldoende kwaliteit, continuïteit en slagkracht om inwoners, ondernemers en bestuur goed te ondersteunen. Vertrouwen werkt van twee kanten. We accepteren geen onbehoorlijke behandeling van de ambtenaren.

troch yn it Nasjonaal Programma Fitale Regio's. Hjirmei posisjonearje wy ússels as regio yn de lobby nei it Ryk en de provinsje en bewekje ek hjirby ús eigen koers en belangen;

- Wy sette ús ynset binnen it EuropaPact Fryslân troch en nimme diel oan de European Week of the Regions om de ferbining mei Den Haach en Brussel te behâlden, dit om ús lobbyposysje en kânsen foar subsydzjeferwerving optimaal te benutten;
- Wy kieze by de oare ynternasjonale gearwurkingen bewust foar fokus. Dêr't wy yn it ferline aktyf wiene yn in soad ferskillende ferbannen, litte wy dy rol no meastepart oer oan oare partijen.
- Wy sette yn op deregulearring en it yn 'e streamline bringen fan prosedueres, sadat ûnnedige regeldruk fermindere wurdt;
- Wy evaluearje mei de ried en it kolleezje de nije gearkomstestruktuer yn it earste fearnsjier fan 2027;
- Wy fiere jierliks in tuskenrapportazje op it koälysje-akkoart út om te monitoarjen oft wy op koers lizze, de fuortgong fan ús ôfspraken te beoardieljen en dêr't dat nedich is by te stjoeren.

Tema Tsjinstferliening en Organisaasje

Wy wolle in gemeente wêze dy't tinkt en hannelet op basis fan tsjinstferliening oan de ynwenners. In organisaasje dy't net allinnich sjocht nei de papieren werlikheid, mar foaral de fraach fan ynwenners en ûndernimmers sintraal stelt en dêrby stribbet nei minder regeldruk. Dat freget om amtners dy't pro-aktyf meitinke oan oplossingen en romte jouwe oan inisjativen út de mienskip dy't passe binnen de fêststelde kaders.

Wy wurkje ta nei in tsjinstferlienende en tagonklike gemeentlike organisaasje dy't ticht by ynwenners en ûndernimmers stiet. Dat betsjut dat wy stribje nei flugge, dúdlike en betroubere tsjinstferliening, wêrby't wy it sa maklik mooglik meitsje foar ynwenners. As dat net ienfâldiger kin, biede wy persoanlike ûndersteuning. Tagelyk bouwe wy oan in takomstbestindige organisaasje dy't doelmjittich en effisjint ynrochte is, mei foldwaande kwaliteit, kontinuïteit en slachkrêft om ynwenners, ûndernimmers en bestjoer goed te ûndersteunen. Fertrouwen wurket fan twa kanten. Wy akseptearje gjin ûnfatsoenlike behanneling fan de amtners. Droegen inisjativen út de mienskip krije romte op basis fan it prinsipe 'ja, mits': wy wolle meitinke en ûndersteune, mar net oernimme wat yn doarpen sels goed

Gedragen initiatieven uit de samenleving krijgen ruimte vanuit het principe 'ja, mits': we willen meedenken en ondersteunen, maar niet overnemen wat in dorpen zelf goed georganiseerd kan worden. We versterken de kracht van dorpen en verkleinen de kloof tussen inwoners en overheid door zichtbaar aanwezig te zijn, goed te luisteren en samen te werken vanuit vertrouwen. Dorpsvisies, dorpsbudgetten en het overleg met plaatselijk belangen, buurt- en wijkbesturen en dorpshuisbesturen spelen daarin een belangrijke rol.

Dit gaan we doen

- We stellen een visie op dienstverlening op, waarin we vastleggen wat inwoners en ondernemers van onze dienstverlening mogen en kunnen verwachten en hoe we deze verder verbeteren;
- We bevorderen een cultuur waarin gewerkt wordt vanuit het principe 'ja, mits', waarbij meedenken, mogelijk maken en oplossingsgericht werken centraal staan;
- We vergroten de uitvoeringskracht van de organisatie door gericht te investeren waar dat nodig is. Tegelijkertijd kijken we kritisch naar wat kan worden afgeschaald of beëindigd wanneer dat niet langer bijdraagt aan onze opgaven;
- Op het gebied van digitalisering, ICT en digitale weerbaarheid positioneren we ons als tûke folger: we volgen ontwikkelingen actief, benutten bewezen innovaties en onderzoeken gericht waar toepassingen - bijvoorbeeld AI - kunnen bijdragen aan betere dienstverlening en efficiëntere processen. We zoeken hier naar de juiste balans tussen veiligheid en gebruiksgemak.

organisearre wurde kin. Wy fersterkje de krêft fan doarpen en meitsje de kleau tusken ynweners en oerheid lytser troch sichtber oanwêzich te wêzen, goed te harkjen en gear te wurkjen op basis fan fertrouwen. Doarpsfyzjes, doarpsbudzjetten en it oerlis mei pleatslik belangen, buert- en wykbestjoeren en doarps-hûsbestjoeren spylje dêryn in wichtige rol.

Dit dogge wy

- Wy stelle in fyzje op tsjinstferliening op, dêr't wy yn fêstlizze wat ynweners en ûndernimmers fan ús tsjinstferliening ferwachtsje kinne en meie en hoe't wy dy fierder ferbetterje;
- Wy befoarderje in kultuer dêr't yn wurke wurdt op basis fan it prinsipe 'ja, mits', wêrby't meitinken, mooglik meitsjen en oplossingsrjochte wurkjen sintraal stean;
- Wy fergrutsje de útfieringskrêft fan de organisaasje troch doelfêst te ynvestearjen dêr't dat nedich is. Tagelyk sjogge wy kritysk nei wat ôfskale of beëinige wurde kin as dat net langer bydraacht oan ús opjeften;
- Op it mêd fan digitalisearring, ICT en digitale wearberens posisjonearje wy ús as tûke folger: wy folgje ûntwikkelingen aktyf, benutte bewiisde ynnovaasjes en ûndersykje doelfêst wêr't tapassingen – bygelyks AI – bydrage kinne oan bettere tsjinstferliening en effisjintere processen. Wy sykje hjir nei de goede balâns tusken feiligens en gebrûksgemak.

“Veiligheid begint
bij een sterke
gemeenschap
waarin inwoners
naar elkaar
omkijken.”

“Feiligens begjint
by in sterke
mienskip wêryn’t
ynwenners
nei-inoar
omsjogge.”

Veiligheid

Thema Crisisbeheersing en Brandweer

Crisisbeheersing en brandweertzorg zijn grotendeels georganiseerd via de Veiligheidsregio Fryslân. Als gemeente dragen wij hieraan bij en versterken wij de maatschappelijke weerbaarheid van onze samenleving. Daarbij zetten wij in op een goed functionerende crisisorganisatie via de Veiligheidsregio, goede brandweertzorg en hulpverlening in alle dorpen.

Dit gaan we doen

- We werken actief samen binnen de Veiligheidsregio aan een doelmatige crisisbeheersing en brandweertzorg;
- We vergroten bewustwording bij inwoners over risico's en voorbereiding op crises;
- We voegen de weerbare samenleving toe als één van de thema's in het nieuwe Integraal Veiligheidsbeleid.

Thema Openbare Orde en Veiligheid

Veiligheid begint bij een sterke gemeenschap waarin inwoners naar elkaar omkijken. De gemeente zorgt voor een solide basis, maar veiligheid maken we samen. We zijn een van de veiligste gemeenten van Fryslân en willen dat zo houden. Daarom blijven we inzetten op het behouden en versterken van deze veilige leefomgeving. We richten ons op zowel fysieke als sociale veiligheid, met aandacht voor preventie, vroegsignalering en handhaving waar nodig. Daarbij blijft het versterken van de sociale samenhang in dorpen en buurten een essentieel fundament onder veiligheid.

Dit gaan we doen

- Onderzoek naar het uitbreiden van de BuitenBeter-app met meldingen over sociale veiligheid in de openbare ruimte, zodat inwoners onveilige plekken kunnen doorgeven en de gemeente deze meldingen gebruikt om waar mogelijk maatregelen te nemen;

Feiligens

Tema Krisisbeheersing en Brânwacht

Krisisbeheersing en brânwachtsoarch binne meastepart organisearre fia de Veiligheidsregio Fryslân. As gemeente drage wy hjiroan by en fersterkje wy de maatskiplike wearberens fan ús mienskip. Dêrby sette wy yn op in goed funksjonearjende krisisorganisaasje fia de Veiligheidsregio, goede brânwachtsoarch en helpferliening yn alle doarpen.

Dit dogge wy

- Wy wurkje aktyf gear binnen de Veiligheidsregio oan in doelmjittige krisisbeheersing en brânwachtsoarch;
- Wy fergrutsje bewustwurding by ynwenners oer risiko's en tarieding op krisissen;
- Wy foegje de wearbere mienskip ta as ien fan de tema's yn it nije Yntegraal Feiligensbelied.

Tema Iepenbiere Oarder en Feiligens

Feiligens begjint by in sterke mienskip wêryn't ynwenners nei-inoar omsjogge. De gemeente soarget foar in solide basis, mar feiligens meitsje wy mei-inoar. Wy binne ien fan de feilichste gemeenten fan Fryslân en wolle dat sa hâlde. Dêrom bliuwe wy ynsetten op it behâlden en fersterkjen fan dy feilige leefomjouwing. Wy rjochtsje ús op sawol fysike as sosjale feiligens, mei omtinken foar previnsje, iersinjalearring en hanthavening wêr nedich. Dêrby bliuwt it fersterkjen fan de sosjale gearhing yn doarpen en buerten in essinsjeel fûnemint ûnder feiligens.

Dit dogge wy

- Undersyk nei it útwreidzjen fan de BuitenBeter-app mei meldingen oer sosjale feiligens yn de iepenbiere romte, sadat ynwenners ûnfeilige plakken trochjaan kinne en de gemeente dy meldingen brûkt om wêr mooglik maatregels te nimmen;

- In samenwerking met onze ketenpartners (zoals politie, jongerenwerk, GGD, GGZ en scholen) pakken we gericht overlast aan;
- Onderzoeken hoe we overlast gericht kunnen aanpakken door een herijking van de Algemene Plaatselijke Verordening (APV) en in excessieve gevallen de maatregel kunnen nemen tot het herhuisvesten van overlast gevende inwoners via onconventionele woonvormen;
- We willen de capaciteit van de jeugd-BOA's vergroten. Dit gebeurt in OWO-verband en moet daarom in afstemming met Ooststellingwerf en Weststellingwerf worden uitgewerkt;
- We dringen aan op extra maatregelen en effectieve oplossingen voor de gevolgen door de aanwezigheid van de wolf in Opsterland;
- We verlengen het gedogen voor het plaatsen van schuilstallen om vee beter te beschermen tegen wolven, waarbij schuilstallen in ieder geval mogen blijven staan zolang de wolvenproblematiek voortduurt en de veiligheid van vee niet kan worden gegarandeerd.

- Yn gearwurking mei ús ketenpartners (lykas plysje, jongereinwurk, GGD, GGZ en skoallen) pakke wy doelfêst oerlêst oan;
- Undersykje hoe't wy oerlêst doelfêster oanpakke kinne troch in wer-ikering fan de Algemiene Pleatslike Feroardering (APV) en yn eksessive gefallen de maatregel nimme te kinnen ta it op 'e nij húsfestjen fan oerlêst jaande ynwenners fia ûnkonvinsjonele wenfoarmen;
- Wy wolle de kapasiteit fan de jeugd-BOA's fergrutsje. Dit bart yn OWO-ferbân en moat dêrom yn ôfstimming mei Eaststellingwerf en Weststellingwerf útwurke wurde;
- Wy trune oan op ekstra maatregels en effektive oplossingen foar de gefolgen troch de oanwêzigens fan de wolf yn Opsterlân;
- Wy ferlinge it talitten foar it pleatsen fan skûlstâlen om fee better te beskermjen tsjin wolven, wêrby't skûlstâlen yn elk gefal stean bliuwe meie sa lang't de wolveproblematyk oanhâldt en de feiligens fan fee net garandearre wurde kin.

Verkeer en Vervoer

Thema Verkeer, Vervoer en Wegen

Een goed bereikbaar Opsterland is essentieel voor de leefbaarheid van onze dorpen en een sterke lokale economie. We werken daarom aan veilige wegen, goede fietsverbindingen en spannen ons in voor passend openbaar vervoer, in samenwerking met de provincie. Daarbij luisteren we naar onze inwoners en kiezen we voor oplossingen die aansluiten bij de schaal van onze dorpen en het karakter van het gebied. Goede verbindingen die bijdragen aan een leefbaar platteland en bereikbare voorzieningen voor alle inwoners staan daarbij centraal.

Opsterland is een verkeersveilige gemeente en dat willen we behouden. We blijven investeren in verkeersveiligheid en zetten actief in op het behoud en de verbetering van de bereikbaarheid per fiets en openbaar vervoer. Daarbij stimuleren we het fietsgebruik als gezonde en duurzame vorm van mobiliteit, met als ambitie om in 2030 een plek in de top 25 van meest fietsvriendelijke gemeenten te behalen. Tegelijk hebben we oog voor praktische zaken, zoals het verbeteren van parkeergelegenheid in de dorpen.

Daarbij zijn we realistisch: niet alles kan overal en altijd. Als gemeentebestuur maken we duidelijke keuzes en zijn we transparant over waarom een plan wel en/of niet haalbaar is.

Dit gaan we doen

- We verbeteren en verbinden het netwerk van fiets- en wandelroutes en investeren in de kwaliteit van bestaande paden, met prioriteit voor recreatieve gebieden rond Bakkeveen en Wijnjewoude, waarbij we kostenbewuste keuzes maken;
- We lobbyen bij de provincie voor snellere busverbindingen, zoals bushaltes bij de A7-afritten bij Tijnje en Beetsterzwaag;
- We behouden en waar mogelijk versterken het netwerk van buurtbussen;

Ferkear en Ferfier

Tema Ferkear, Ferfier en Diken

In goed berikber Opsterlân is essinsjeel foar de leefberens fan ús doarpen en in sterke lokale ekonomy. Wy wurkje dêrom oan feilige diken, goede fytsferbiningen en spanne ús yn foar passend iepenbier ferfier, yn gearwurking mei de provinsje. Dêrby harkje wy nei ús ynwenners en kieze wy foar oplossingen dy't oanslute by de skaal fan ús doarpen en it karakter fan it gebiet. Goede ferbiningen dy't bydrage oan in leefber plattelân en berikbere foarsjenningen foar alle ynwenners stean dêrby sintraal.

Opsterlân is in ferkearsfeilige gemeente en dat wolle wy behâlde. Wy bliuwe ynvestearjen yn ferkearsfeiligens en sette aktyf yn op it behâld en de ferbettering fan de berikberens mei de fyts en it iepenbier ferfier. Dêrby stimulearje wy it fytsgebrûk as sûne en duorsume foarm fan mobiliteit, mei as ambysje om yn 2030 in plak yn de top 25 fan meast fytsfreonlike gemeenten te beheljen. Tagelyk hawwe wy each foar praktyske saken, lykas it ferbetterjen fan parkeargelegenheid yn de doarpen.

Dêrby binne wy realistysk: net alles kin oeral en altyd. As gemeentebestjoer meitsje wy dúdlike karren en binne wy transparant oer wêrom't in plan wol as net helber is.

Dit dogge wy

- Wy ferbetterje en ferbine it netwurk fan fyts- en kuierrûtes en ynvestearje yn de kwaliteit fan besteande paden, mei prioriteit foar rekreative gebieten om Bakkefean en Wijnjewâld hinne, wêrby't wy kostebewuste karren meitsje;
- Wy lobbye by de provinsje foar fluggere busferbiningen, lykas bushaltes by de A7-ôfritten by De Tynje en Beetstersweach;
- Wy behâlde en wêr mooglik fersterkje it netwurk fan buurtbussen;
- Wy belûke Pleatslik Belang aktyf by mobiliteitsfraachstikken om lokaal maatwurk te leverjen. Sy kenne de lokale situaasje en kinne de ferletten fan de ynwenners ophelje en strukturearje;

- We betrekken Plaatselijk Belang actief bij mobiliteitsvraagstukken om lokaal maatwerk te leveren. Zij kennen de lokale situatie en kunnen de behoeften van de inwoners ophalen en structureren;
- Parkeren blijft gratis in Opsterland. We blijven inzetten op (kort) parkeren in de blauwe zones, inclusief geïntensiverde handhaving waar signalen zijn;
- Waar knelpunten op het gebied van parkeren zijn, zoeken we samen met Plaatselijk Belang naar oplossingen. In Gorredijk nemen we het parkeren mee in het Masterplan;
- We geven als gemeente het goede voorbeeld door de gereserveerde parkeerplaatsen voor college en gemeentesecretaris bij het gemeentehuis op te heffen;
- We evalueren het huidige strooi- en schuifbeleid;
- We actualiseren het mobiliteitsplan, met extra aandacht voor:
 - Het beperken van sluipverkeer;
 - Het sturen van verkeer naar hoofdroutes;
 - Fietsers;
 - Parkeren en bereikbaarheid;
 - Innovatieve vormen van openbaar vervoer en mobiliteit;
 - (Snelheid van) landbouwverkeer in de dorpen.
- We prioriteren onderhoud van onze infrastructuur en bepalen het kwaliteitsniveau van wegen op basis van het beoogd gebruik en verkeersintensiteit;
- Op korte termijn maken we de Breewei in Tynje verkeersveiliger (uiterlijk 2028) en realiseren de brug over de Mounleane tussen Wijnjewoude en Ureterp (uiterlijk 2028);
- We zetten de opbrengsten van de toeristenbelasting in voor de verbetering van recreatieve fiets- en wandelpaden;
- We creëren een flexibel werkbudget voor laaghangend fruit, zoals zebrapaden en parkeervakken;
- We investeren in versterking van de organisatie met een extra verkeerskundige (1 fte);
- We leveren geen financiële bijdrage en ambtelijke verantwoordelijkheid voor de lobby of realisatie van de Lelylijn. Wel blijven we bestuurlijk betrokken.
- Parkearjen bliuwt fergees yn Opsterlân. Wy bliuwe ynsetten op (koart) parkearjen yn de blauwe sônes, ynklusyf yntinsivearre hanthavening dêr't sinjalen binne;
- Dêr't knyppunten binne op it mêd fan parkearjen, sykje wy mei Pleatslik Belang nei oplossingen. Yn De Gordyk nimme wy it parkearjen mei yn it Masterplan;
- Wy jouwe as gemeente it goede foarbyld troch de reservearre parkearplakken foar kolleezje en gemeentesekretaris by it gemeentehûs op te heffen;
- Wy evaluearje it aktuele strui- en skobelied;
- Wy aktualisearje it mobiliteitsplan, mei ekstra omtinken foar:
 - It beheinen fan slûpferkear;
 - It stjoeren fan ferkear nei haadrûtes;
 - Fytsers;
 - Parkearjen en berikberens;
 - Ynnovative foarmen fan iepenbier ferfier en mobiliteit;
 - (Faasje fan) lânbouferkear yn de doarpen.
- Wy prioritearje ûnderhâld fan ús ynfastruktuer en bepale it kwaliteitsnivo fan diken op grûn fan it beëage gebrûk en ferkearsyntensiteit;
- Op koarte termyn meitsje wy de Breewei yn De Tynje ferkearsfeiliger (uterlik 2028) en realisearje de brêge oer de Mounleane tusken Wynjewâld en Oerterp (uterlik 2028);
- Wy sette de opbringsten fan de toeristebelesting yn foar de ferbettering fan rekreative fyts- en kuierpaden;
- Wy kreëarje in fleksibel wurkbudzjet foar leechhingjend fruit, lykas sebrapaden en parkearfekken;
- Wy ynvestearje yn fersterking fan de organisaasje mei in ekstra ferkearskundige (1 fte);
- Wy leverje gjin finansjele bydrage en amtlike ferantwurdlikens foar de lobby of realisasje fan de Lelyline. Wol bliuwe wy bestjoerlik belutsen.

Welkom in
Opsterland



Welkom in
Opsterland



Welkom in
Opsterland



Economie

Thema Ondernemen en Werkgelegenheid

We streven naar een sterke en toekomstbestendige lokale economie waarin ondernemers de ruimte krijgen om zich te vestigen en te groeien. Werkgelegenheid, innovatie en leefbaarheid gaan hierbij hand in hand. De gemeente ondersteunt actief lokale bedrijven, verbindt initiatieven en zet zich in voor ruimte voor ondernemerschap en werkgelegenheid.

De centrumgebieden van onze grotere kernen Gorredijk, Beetsterzwaag en Ureterp dragen bij aan de leefbaarheid van onze gemeente. Inwoners en bezoekers kunnen er terecht voor verschillende voorzieningen, zoals detailhandel, horeca en cultuur. Door deze centrumgebieden te versterken en een kwalitatieve impuls te geven kunnen we de leefbaarheid verder vergroten. Groei is daarbij geen doel. Centrummanagers spelen hierin een belangrijke rol door ondernemers te ondersteunen en ambities samen te brengen.

Dit gaan we doen

Onze focus ligt op het centrum van Gorredijk als grootste kern, waar we de centrumplannen verder willen uitwerken en versterken. Ook Beetsterzwaag, Ureterp en de recreatieve voorzieningen rond dorpen zoals Bakkeveen vinden wij belangrijk; daar willen we planvorming actief ondersteunen om te komen tot een kwalitatieve impuls. De initiatieven en het draagvlak moeten primair van onderop komen. De gemeente faciliteert en stimuleert.

We zetten hiervoor de samenwerking met de centrummanager van Gorredijk voort. Voor Beetsterzwaag en Ureterp onderzoeken we welke vorm van centrummanagement het beste past. Het uitgangspunt daarbij is dat de centrummanager affiniteit met het dorp heeft.

We stimuleren dat zakelijke dienstverlening waar mogelijk in de kernen wordt gevestigd in plaats van op bedrijventerreinen, bijvoorbeeld als herbestemming van vrijkomende waardevolle en historische panden, zodat deze een nieuwe kwalitatieve invulling krijgen binnen de dorpen.

Ekonomy

Tema Undernimmen en Wurkgelegenheid

Wy stribje nei in sterke en takomstbestindige lokale ekonomy wêryn't ûndernimmers de romte krije om har te fêstigen en te groeien. Wurkgelegenheid, ynnovaasje en leefberens gean hjirby hân yn hân. De gemeente ûndersteunt aktyf lokale bedriuwen, ferbynt inisjativen en set him yn foar romte foar ûndernimmerskip en wurkgelegenheid.

De sintrumgebieten fan ús gruttere kearnen De Gordyk, Beetstersweach en Oerterp drage by oan de leefberens fan ús gemeente. Ynwenners en besikers kinne dêr terjochte foar ferskillende foarsjenningen, lykas detailhannel, hoareka en kultuer. Troch dizze sintrumgebieten te fersterkjen en in kwalitative ympuls te jaan, kinne wy de leefberens fierder fergrutsje. Groei is dêrby gjin doel. Sintrummanagers spylje hjiryn in wichtige rol troch ûndernimmers te stypjen en ambysjes byinoar te bringen.

Dit dogge wy

Us fokus leit op it sintrum fan De Gordyk as grutste kearn, dêr't wy de sintrumplannen fierder útwurkje en fersterkje wolle. Ek Beetstersweach, Oerterp en de rekreative foarsjenningen om doarpen lykas Bakkefean hinne fine wy wichtich; dêr wolle wy planfoarming aktyf ûndersteune om te kommen ta in kwalitative ympuls. De inisjativen en it draachflak moatte primêr fan ûnderop komme. De gemeente fasilitearret en stimulearret.

Wy sette hjirfoar de gearwurking mei de sintrummanager fan De Gordyk troch. Foar Beetstersweach en Oerterp ûndersykje wy hokker foarm fan sintrummanagement it bêste past. It útgongspunt dêrby is dat de sintrummanager affiniteit mei it doarp hat.

Wy stimulearje dat saaklike tsjinstferliening wêr mooglik yn de kearnen fêstige wurdt yn stee fan op bedriuweterreinen, bygelyks as werbestimming fan frijkommende weardefolle en histoaryske pannen, sadat dy in nije kwalitative ynfolling krije binnen de doarpen.

Thema Bedrijventerreinen

Een groot deel van de werkgelegenheid in onze gemeente bevindt zich op de bedrijventerreinen. Door veranderingen in het economisch perspectief, een tekort aan bedrijfskavels en beperkte energiec capaciteit staan bedrijven voor groei-uitdagingen. Daarom willen we ruimte bieden voor ontwikkeling, innovatie en kwalitatieve groei, passend bij de aard en schaal van Opsterland.

We ontwikkelen en breiden bedrijventerreinen zorgvuldig uit, met een zachte landing in het landschap. Daarbij streven we naar een divers aanbod aan bedrijven en stimuleren we samenwerking. Zo versterken bedrijven elkaar en blijft de lokale economie toekomstbestendig.

Dit gaan we doen

- We maken een visie op bedrijventerreinen;
- We zetten de ontwikkeling van de bedrijventerreinen Gorredijk Overtoom en Azeven door;
- We richten ons op innovatieve en ambachtelijke bedrijven die werkgelegenheid creëren. Startende ondernemers faciliteren we om hun vakmanschap te ontwikkelen;
- We creëren en behouden groene buffers tussen de bedrijven en woningen;
- We richten de bedrijventerreinen zo in dat ze een groene uitstraling hebben en behouden dit door te sturen op de beeldkwaliteit;
- We stimuleren bedrijven om een zo klein mogelijke voetafdruk te hebben, bijvoorbeeld door hun eigen energie op te wekken of samen te werken met andere bedrijven;
- Op de bestaande (kleinere) bedrijventerreinen zetten we in op beperkt natuurlijke groei. We zijn terughoudend met de combinatie van wonen en werken;
- Onze accountmanagers economische zaken blijven goed in contact met de bedrijven. Zo kunnen we bedrijven die willen groeien beter faciliteren en indien nodig op tijd met hen in gesprek over verplaatsing naar een (groter) bedrijventerrein;
- Om meer financiering voor economische zaken te genereren, verkennen we de mogelijkheid van een ondernemersfonds. Daarbij is behoefte van de ondernemers en de haalbaarheid van een ondernemersfonds bepalend voor de vorm. Met een ondernemersfonds kunnen we parkmanagement opzetten dat zich richt op de samenwerking tussen bedrijven, bijvoorbeeld op het gebied van beveiliging, warmte en energie.

Tema Bedriuweterreinen

In grut part fan de wurkgelegenheid yn ús gemeente sit op de bedriuweterreinen. Troch feroarings yn it ekonomysk perspektyf, in tekoart oan bedriuwskavels en beheinde enerzjykapasiteit stean bedriuwen foar groei-útdagingen. Dêrom wolle wy romte biede foar ûntwikkeling, ynnovaasje en kwalitative groei, passend by de aard en skaal fan Opsterlân.

Wy ûntwikkelje en wreidzje bedriuweterreinen soarchfâldich út, mei in sêfte lâning yn it lânskip. Dêrby stribje wy nei in ferskaat oanbod oan bedriuwen en stimulearje wy gearwurking. Sa fersterkje bedriuwen inoar en bliuwt de lokale ekonomy takomstbestindich.

Dit dogge wy

- Wy meitsje in fyzje op bedriuweterreinen;
- Wy sette de ûntwikkeling fan de bedriuweterreinen De Gordyk Overtoom en Azeven troch;
- Wy rjochtsje ús op ynnovative en ambachtlike bedriuwen dy't wurkgelegenheid kreëarje. Startende ûndernimmers fasilitearje wy om har fakmanskip te ûntwikkeljen;
- Wy kreëarje en behâlde griene buffers tusken de bedriuwen en wenningen;
- Wy rjochtsje de bedriuweterreinen sa yn dat se in griene útstrieling hawwe en behâlde dy troch te stjoeren op de byldkwaliteit;
- Wy stimulearje bedriuwen om in sa lyts mooglike foetprint te hawwen, bygelyks troch har eigen enerzjy op te wekken of gear te wurkjen mei oare bedriuwen;
- Op de besteande (lytsere) bedriuweterreinen sette wy yn op beheind natuerlike groei. Wy binne tebekhâldend mei de kombinaasje fan wenjen en wurkjen;
- Us accountmanagers ekonomyske saken bliuwe goed yn kontakt mei de bedriuwen. Sa kinne wy bedriuwen dy't groeie wolle better fasilitearje en as dat nedich is op 'e tiid mei har yn petear oer ferpleatsing nei in (grutter) bedriuweterrein;
- Om mear finansiering foar ekonomyske saken te generearjen, ferkenne wy de mooglikheid fan in ûndernimmersfûns. Dêrby is ferlet fan de ûndernimmers en de helberheid fan in ûndernimmersfûns bepalend foar de foarm. Mei in ûndernimmersfûns kinne wy parkmanagement opsette dat him rjochtet op de gearwurking tusken bedriuwen, bygelyks op it mêd fan befeiliging, waarmte en enerzjy.

“We hebben
oog voor
identiteit,
taal en gelijke
kansen voor
alle kinderen.”

“Wy hawwe
each foar
identiteit, taal
en gelikense
kânsen foar
alle bern.”

Onderwijs

Thema Onderwijs

Onderwijs is de basis voor de toekomst van onze jeugd. We vinden het belangrijk dat onderwijs dichtbij, toegankelijk en van goede kwaliteit is. Scholen spelen een centrale rol in de leefbaarheid van dorpen en worden waar mogelijk verbonden met andere voorzieningen, zoals in integrale voorzieningen als multifunctionele accommodaties (MFA's) of integrale kindcentra (IKC's) waar onderwijs, kinderopvang en andere functies samenkomen.

We zetten in op toegankelijk en toekomstbestendig basisonderwijs in onze dorpen. We hebben oog voor identiteit, taal en gelijke kansen voor alle kinderen. Daarbij versterken we de Fryske taal en cultuur door een stevige verankering in kinderopvang, onderwijs en bibliotheken, zodat alle kinderen in Opsterland van jongs af aan met het Frysk in aanraking komen en zich meertalig kunnen ontwikkelen.

Dit gaan we doen

- We zetten in op het behoud van gedegen onderwijsvoorzieningen in de dorpen;
- We combineren onderwijs waar mogelijk met andere functies, zoals MFA's of IKC's. We zorgen in ieder geval dat we in de dorpen bij de scholen gymzalen behouden, zodat we de verkeersbewegingen voor sport beperken;
- We steunen het initiatief uit de dorpsontwikkelmaatschappij (DOM) in Nij Beets en onderzoeken of de planning van de nieuwe school De Bining naar voren kan worden gehaald, zodat er integraal een plan kan worden ontwikkeld en andere functies niet hoeven te wachten tot de school op de reguliere planning staat. Dit betrekken we bij de herijking van het Integraal Huisvestingsplan (IHP);
- We stimuleren tweetalig en drietalig (Fries-Nederlands-Engels) onderwijs en ondersteunen scholen bij de ontwikkeling naar drietalige scholen, in lijn met het Taalplan Frysk 2030, en we moedigen kinderopvanglocaties aan om actief Frysktalig beleid te voeren met inzet van Frysktalige medewerkers en aandacht voor meertaligheid in de praktijk.

Underwiis

Tema Underwiis

Underwiis is de basis foar de takomst fan ús jeugd. Wy fine it wichtich dat ûnderwiis tichtby, tagonklik en fan goede kwaliteit is. Skoallen spylje in sintrale rol yn de leefberens fan doarpen en wurde wêr mooglik ferbûn mei oare foarsjenningen, lykas yn yntegrale foarsjenningen as multyfunksjonele akkommodaasjes (MFA's) of yntegrale bernsintra (IKC's) dêr't ûnderwiis, berne-opfang en oare funksjes byinoar komme.

Wy sette yn op tagonklik en takomstbestindich basisûnderwiis yn ús doarpen. Wy hawwe each foar identiteit, taal en gelikense kânsen foar alle bern. Dêrby fersterkje wy de Fryske taal en kultuer troch in stevige ferankering yn berne-opfang, ûnderwiis en biblioteken, sadat alle bern yn Opsterlân fan jongs ôf mei it Frysk yn oanrekking komme en har meartalich ûntwikkelje kinne.

Dit dogge wy

- Wy sette yn op it behâld fan deeglike ûnderwiisfoarsjenningen yn de doarpen;
- Wy kombinearje ûnderwiis wêr mooglik mei oare funksjes, lykas MFA's of IKC's. Wy soargje yn elts gefal dat wy yn de doarpen by de skoallen gymsealen behâlde, sadat wy de ferkearsbewegingen foar sport beheine;
- Wy stypje it inisjatyf út de doarpsûntwikkelmaatskippij (DOM) yn Nij Beets en ûndersykje oft de planning fan de nije skoalle De Bining nei foaren helle wurde kin, sadat der yntegraal in plan ûntwikkele wurde kin en oare funksjes net hoege te wachtsjen oant de skoalle op de reguliere planning stiet. Dit belûke wy by de wer-ikerling fan it Yntegraal Hûsfestingsplan (IHP);
- Wy stimulearje twatalich en trijetalich (Frysk-Nederlânsk-Ingelsk) ûnderwiis en ûndersteune skoallen by de ûntwikkeling nei trijetalige skoallen, yn line mei it Taalplan Frysk 2030, en wy moedigje berne-opfanglokaasjes oan om aktyf Frysktalich belied te fieren mei ynset fan Frysktalige meiwurkers en omtinken foar meertaligens yn de praktyk.

Sport, Cultuur en Recreatie

Thema Cultuur en Frysk

Cultuur vormt het hart van onze dorpen. Het brengt mensen samen, zorgt voor ontmoeting en geeft kleur aan het dagelijks leven. Het draagt bij aan leefbaarheid, betrokkenheid en trots op de eigen omgeving. In zowel grote als kleine kernen is cultuur onmisbaar voor een sterke mienskip waarin inwoners zich verbonden voelen met elkaar en met hun dorp.

De Friese taal is daarin een wezenlijk onderdeel van onze identiteit en trots. Het Frysk wurdt in Opsterlân veel gesproken en leeft sterk in de samenleving. Het is niet alleen onze ambitie om het Frysk te behouden, we willen de taal ook actief stimuleren en doorgeven aan nieuwe generaties én blijven gebruiken in het dagelijks leven van alle leeftijden. Dat betekent dat het Frysk zichtbaar, hoorbaar en vanzelfsprekend moet zijn voor jong en oud: in kinderopvang en onderwijs, maar ook in het contact met ouderen, in het verenigingsleven, bibliotheken en het publieke domein. Meertaligheid zien wij als kracht, waarin Frysk, Nederlands en Engels elkaar versterken.

Bibliotheken, scholen, kinderopvang, culturele organisaties (zoals musea) en dorpsinitiatieven spelen hierin samen een sleutelrol. Door samenwerking te versterken en taal en cultuur met elkaar te verbinden, bouwen we aan een gemeente waarin taal en identiteit niet alleen worden gekoesterd, maar ook actief worden beleefd en gestimuleerd.

Dit gaan we doen

- We blijven subsidies verstrekken aan culturele activiteiten, dorpsactiviteiten en evenementen die bijdragen aan leefbaarheid en mienskip;
- We blijven organisatoren bij toenemende kosten en regelgeving ondersteunen, zoals de verplichte verzekeringen voor praalwagens bij optochten, zodat deze evenementen behouden blijven voor onze dorpen;
- We maken meerjarige vergunningen voor terugkerende evenementen mogelijk;

Sport, Kultuer en Rekreaasje

Tema Kultuer en Frysk

Kultuer foarmet it hert fan ús doarpen. It bringt minsken byinoar, soarget foar moeting en jout kleur oan it deistich libben. It draacht by oan leefberens, belutsenens en grutskens op de eigen omjouwing. Yn sawol grutte as lytse kearnen is kultuer ûnmisber foar in sterke mienskip wêryn't ynweners har ferbûn fiele mei-inoar en mei har doarp.

De Fryske taal is dêryn in wêzentlik ûnderdiel fan ús identiteit en grutskens. It Frysk wurdt yn Opsterlân in soad sprutsen en libbet sterk yn de mienskip. It is net allinnich ús ambysje om it Frysk te behâlden, wy wolle de taal ek aktyf stimulearje en trochjaan oan nije generaasjes én brûken bliuwe yn it deistich libben fan alle leeftiden. Dat betsjut dat it Frysk sichtber, hearber en fanselsprekkend wêze moat foar jong en âld: yn berne-opfang en ûnderwiis, mar ek yn it kontakt mei âlderen, yn it ferieningslibben, biblioteken en it publike domein. Meartaligens sjogge wy as krêft, dêr't it Frysk, Nederlânsk en Ingelsk inoar yn fersterkje. Biblioteken, skoallen, berne-opfang, kulturele organisaasjes (lykas museums) en doarpsinisjativen spylje hjiryn mei-inoar in kaairol. Troch gearwurking te fersterkjen en taal en kultuer mei-inoar te ferbinen, bouwe wy oan in gemeente dêr't taal en identiteit net allinnich yn koestere wurde, mar ek aktyf belibbe en stimulearre wurde.

Dit dogge wy

- Wy bliuwe subsydzjes jaan oan kulturele aktiviteiten, doarpsaktiviteiten en eveneminten dy't bydrage oan leefberens en mienskip;
- Wy bliuwe organisaatoaren by tanimmende kosten en regeljouwing stypje, sa as by de ferplichte fersekeringen foar prealweinen by optochten, sadat dy eveneminten behâlden bliuwe foar ús doarpen;
- Wy meitsje mearjierrige fergunningen foar weromkearende eveneminten mooglik;

knuffelboom

Dodo Live



- We verbeteren de communicatie over ondersteunende regelingen voor verenigingen en vrijwilligers, zodat deze voorzieningen beter bekend zijn en makkelijker worden gevonden (zoals de collectieve verzekering);
- We versterken het gebruik en de zichtbaarheid van het Frysk binnen de gemeentelijke organisatie en dienstverlening, met als uitgangspunt dat inwoners in het Frysk geholpen kunnen worden waar zij dat wensen en dat medewerkers in publieke functies voldoende Frysk beheersen om inwoners in hun eigen taal te kunnen bedienen;
- We versterken de rol van bibliotheken als ontmoetingsplek met activiteiten zoals leesgroepen en voorleesmomenten;
- We stimuleren samenwerking tussen bibliotheken, scholen, kinderopvang en welzijnsorganisaties om taalontwikkeling, leesplezier en meertaligheid te versterken;
- We vergroten de zichtbaarheid en waardering van Fryske taal en cultuur door jaarlijks een prijs uit te reiken aan een persoon, bedrijf, vereniging of stichting die zich op bijzondere wijze inzet(ten) voor cultuur en/of het gebruik van het Frysk;
- We zetten op de komborden de Fryske dorpsnaam bovenaan en de Nederlandse naam daaronder, met onderscheid in lettertype (bijvoorbeeld cursief of iets kleiner) en waarbij de borden niet versneld worden vervangen;
- We stellen een budget van in totaal € 20.000 beschikbaar voor de domeinoverstijgende projecten die specifiek bijdragen aan de versterking van de Friese taal, het gebruik van het Frysk in de praktijk en de zichtbaarheid van het Frysk in de mienskip;
- De bijdrage van het dorpsbudget wordt verhoogd naar €1,25 per inwoner met een minimum van € 1.000 per dorp. De dorpen krijgen vrijheid in de besteding ervan voor lokale initiatieven die bijdragen aan de leefbaarheid en de versterking van de mienskip.

Thema Recreatie en Toerisme

Onze recreatieve en toeristische ondernemers en voorzieningen dragen bij aan de leefbaarheid van onze gemeente. Die leefbaarheid is het doel van investeren in toerisme. Denk aan het verbeteren en/of aanleggen van fietspaden en het stimuleren van horecagelegenheden. We willen nog beter gebruik maken van de mogelijkheden die ons landschap ons hierbij biedt. Wandelen en fietsen komen daarbij op de eerste plaats, terwijl ook in delen van de gemeente het varen goed past.

- Wy ferbetterje de kommunikaasje oer stypjende regelingen foar ferieningen en frijwilligers, sadat dy foarsjenningen better bekend binne en makliker fûn wurde (lykas de kollektive fersekering);
- Wy fersterkje it gebrûk en de sichtberens fan it Frysk binnen de gemeentlike organisaasje en tsjinstferliening, mei as útgongspunt dat ynwenners yn it Frysk holpen wurde kinne dêr't sy dat winskje en dat meiwurkers yn publike funksjes genôch Frysk behearskje om ynwenners yn har eigen taal betsjinje te kinnen;
- Wy fersterkje de rol fan biblioteken as moetingplak mei aktiviteiten sa as lêsgroepen en foarlêsmominten;
- Wy stimulearje gearwurking tusken biblioteken, skoallen, berne-opfang en wolwêzensorganisaasjes om taalûntwikkeling, lêswille en meartaligens te fersterkjen;
- Wy fergrutsje de sichtberens en wurdearring fan Fryske taal en kultuer troch jierliks in priis út te rikken oan in persoan, bedriuw, feriening of stichting dy't him/har op bysûnder wize ynset(te) foar kultuer en/of it gebrûk fan it Frysk;
- Wy sette op de kombuorden de Fryske doarpsnamme boppe-oan en de Nederlânske namme dêrûnder, mei ûnderskied yn lettertype (bygelyks kursyf of wat lytser) en wêrby't de buorden net ferhastige ferfongen wurde;
- Wy stelle in budzjet fan in yn totaal € 20.000 beskikber foar de domeinoerstiigjende projekten dy't spesifyk bydrage oan de fersterking fan de Fryske taal, it gebrûk fan it Frysk yn de praktyk en de sichtberens fan it Frysk yn de mienskip;
- De bydrage fan it doarpsbudzjet wurdt ferhege nei € 1,25 de ynwenner mei in minimum fan € 1.000 per doarp. De doarpen krije frijheid yn it besteegjen dêrfan foar lokale inisjativen dy't bydrage oan de leefberens en de fersterking fan de mienskip.

Tema Rekreaasje en Toerisme

Us rekreative en toeristyske ûndernimmers en foarsjenningen drage by oan de leefberens fan ús gemeente. Dy leefberens is it doel fan ynvestearjen yn toerisme. Tink oan it ferbetterjen en/of oanlizzen fan fytspaden en it stimulearjen fan hoarekagelegenheden. Wy wolle noch better gebrûk meitsje fan de mooglikheden dy't ús lânskip ús hjirby biedt. Kuierjen en fytsen komme dêrby op it foarste plak, wylst ek yn parten fan de gemeente it farren goed past.

Wij zetten in op een recreatief en toeristisch aanbod dat het verhaal van Opsterland versterkt en zichtbaar maakt voor inwoners en bezoekers. Zo wordt het landschap niet alleen beleefd, maar ook beter begrepen en gewaardeerd. Tegelijk kiezen wij voor een ruimtelijke zonering, waarbij het accent ligt op recreatie en beleving rondom de beekdalen, passend bij de landschappelijke kwaliteiten van die gebieden.

Dit gaan we doen

- We versterken en verbinden het netwerk van fiets- en wandelroutes – ook over gemeentegrenzen heen. Daarvoor verbeteren we de kwaliteit van bestaande verbindingen en leggen ontbrekende schakels aan;
- We verkennen de mogelijkheden voor ruterpaden en aanlegplaatsen waar dit past binnen landschap, draagkracht en bestaande routestructuren;
- We maken recreatieve routes, bezienswaardigheden, erfgoed en de verhalen van Opsterland beter zichtbaar en toegankelijk;
- We stimuleren het gebruik van het Frysk in recreatieve en toeristische uitingen;
- We ontwikkelen recreatieve ‘hotspots’ passend bij het beekdal waar bezoekers kunnen genieten van hoogwaardige voorzieningen;
- We realiseren, samen met onze partners (terreinbeherende organisatie en provincie), veilige parkeerplaatsen bij wandelroutes, onder andere bij de Slotleane in Bakkeveen, Merskenheide bij Ureterp en ‘t Oude Bosch in Wijnjewoude;
- We zoeken actief samenwerking met omliggende gemeenten in Fryslân, Groningen en Drenthe om recreatieve verbindingen te versterken;
- We behouden de systematiek van de toeristenbelasting en zetten deze gericht in voor tastbare kwaliteitsverbeteringen zoals routes en paden, voorzieningen en bijzondere projecten in het landschap;
- We blijven samenwerken binnen “Het Andere Friesland” voor de gezamenlijke promotie van de regio.

Thema Sport

Sport en bewegen en een breed aanbod van ontspanningsmogelijkheden moeten in Opsterland voor iedereen toegankelijk en betaalbaar zijn. Sport draagt bij aan gezondheid, welzijn en ontmoeting en speelt een belangrijke sociale rol in onze dorpen. Daarom vinden wij het belangrijk dat de gemeente een goede en laagdrempelige sportinfrastructuur in stand houdt en waar mogelijk versterkt. Ook zwembaden maken hier nadrukkelijk onderdeel van uit. Net als

Wy sette yn op in rekreatyf en toeristysk oanbod dat it ferhaal fan Opsterlân fersterket en sichtber makket foar ynwenners en besikers. Sa wurdt it lânskip net allinnich belibbe, mar ek better begrepen en wurdarre. Tagelyk kieze wy foar in romtlike sônearring, wêrby’t it aksint leit op rekreaasje en belibbing om de beekdellingen hinne, passend by de lânskiplike kwaliteiten fan dy gebieten.

Dit dogge wy

- Wy fersterkje en ferbine it netwurk fan fyts- en kuierrûtes, ek oer gemeentegrinzen hinne. Dêrfoar ferbetterje wy de kwaliteit fan besteande ferbiningen en lizze ûntbrekkende skeakels oan;
- Wy ferkenne de mooglikheden foar ruterpaden en oanlisplakken dêr’t dit past binnen lânskip, draachkrêft en besteande rûtestruktueren;
- Wy meitsje rekreative rûtes, nijsgjirrichheden, erfgoed en de ferhalen fan Opsterlân better sichtber en tagonklik;
- Wy stimulearje it gebrûk fan it Frysk yn rekreative en toeristyske uteringen;
- Wy ûntwikkelje rekreative ‘hotspots’ passend by de beekdelling dêr’t besikers genietsje kinne fan heechwaardige foarsjenningen;
- Wy realisearje, yn oparbeidzjen mei ús partners (terreinbehearende organisaasje en provinsje), feilige parkearplakken by kuierrûtes, ûnder oaren by de Slotleane yn Bakkefean, Merskenheide by Oerterp en ‘t Oude Bosch yn Wynjewâld;
- Wy sykje aktyf gearwurking mei omlizzende gemeenten yn Fryslân, Grinslân en Drinte om rekreative ferbiningen te fersterkjen;
- Wy behâlde de systematyk fan de toeristebelesting en sette dy doelfêst yn foar tastbere kwaliteitsferbetteringen lykas rûtes en paden, foarsjenningen en bysûndere projekten yn it lânskip;
- Wy bliuwe gearwurkjen binnen ‘Het Andere Friesland’ foar de mienskiplike promoasje fan de regio.

Tema Sport

Sport en bewegen en in breed aanbod fan ûntspanningsmogelijkheden moatte yn Opsterlân foar elkenien tagonklik en betelber wêze. Sport draacht by oan sûnens, wolwêzen en moeting en spilet in wichtige sosjale rol yn ús doarpen. Dêrom fine wy it wichtich dat de gemeente in goede leechdrompelige sportynfrastruktuer yn stân hâldt en wêr mooglik fersterket. Ek swimbaden meitsje hjir mei klam ûnderdiel fan út. Krekt as sportferieningen

sportverenigingen zijn dit belangrijke ontmoetingsplekken in de mienskip, die grotendeels draaien op de inzet van vrijwilligers. Het is van belang dat deze voorzieningen kunnen blijven bestaan en de ondersteuning krijgen die nodig is om toekomstbestendig te blijven functioneren.

Dit gaan we doen

- We ontwikkelen en actualiseren een duidelijk beleid voor kunstgrasvelden bij sportaccommodaties. Hierdoor kunnen we keuzes transparant en toekomstgericht maken. In het beleid nemen we ook op welke eigen bijdrage van verenigingen wordt verwacht en hoe de verenigingen onderling faciliteiten kunnen delen. Het optimaliseren van de kwaliteit en bespeelbaarheid van de sportvelden staat daarbij voorop;
- We stellen sportverenigingen, waar gewenst en passend, in staat om te beschikken over robotmaaiers om de kwaliteit van grasvelden te verbeteren en het onderhoudswerk te verlichten;
- We blijven investeren in het op orde houden van sportaccommodaties, met oog voor betaalbaarheid;
- Verenigingen zonder eigen kantine, zoals gym-, turn- en toneelverenigingen, verdienen extra ondersteuning wanneer dat nodig is. Omdat zij geen inkomsten uit horeca hebben, zijn zij grotendeels afhankelijk van contributies om hun activiteiten draaiende te houden;
- We zetten bestaande regelingen voort die inwoners met een lager inkomen ondersteunen, zodat zowel volwassenen als kinderen kunnen blijven sporten en meedoen aan sport- en beweegactiviteiten.

Thema Openbaar Groen

Openbaar groen speelt een belangrijke rol in de leefbaarheid, uitstraling en identiteit van onze dorpen. Het zorgt voor een prettige woonomgeving, ruimte voor ontmoeting en draagt bij aan de gezondheid van onze inwoners. Wij streven naar een aantrekkelijke, groene en goed onderhouden openbare ruimte die bijdraagt aan leefbaarheid en dorpskwaliteit. Centrumgebieden, parken en speelplekken krijgen daarbij een hogere prioriteit. Wij willen ons openbaar groen goed onderhouden en waar mogelijk versterken. Tegelijk willen wij ruimte bieden aan initiatieven uit de mienskip die bijdragen aan een groener en leefbaarder dorp. De betrokkenheid van inwoners en dorpen bij de inrichting en het beheer van openbaar groen willen we vergroten, waarbij initiatieven die bijdragen aan biodiversiteit extra worden gestimuleerd, mits deze daadwerkelijk de biodiversiteit verbeteren.

binne dit wichtige meetingsplakken yn de mienskip, dy't meastepart draaie op de ynset fan frijwilligers. It is fan belang dat dy foarsjenningen bestean bliuwe kinne en de stipe krije dy't nedich is om takomstbestindich funksjonearjen te bliuwen.

Dit dogge wy

- Wy ûntwikkelje en aktualisearje in dúdlik belied foar keunstgersfjilden by sportakkommodaasjes. Dêrtroch kinne wy karren transparant en takomstrjochte meitsje. Yn it belied nimme wy ek op hokker eigen bydrage fan ferieningen ferwachte wurdt en hoe't de ferieningen ûnderling fasiliteiten diele kinne. It optimalisearjen fan de kwaliteit en bespylberheid fan de sportfjilden stiet dêrby foarop;
- Wy stelle sportferieningen, dêr't dat winske en passend is, yn steat om te beskikken oer robotmeaners om de kwaliteit fan gersfjilden te ferbetterjen en it ûnderhâldswurk lichter te meitsjen;
- Wy bliuwe ynvestearjen yn it op oarder hâlden fan sportakkommodaasjes, mei each foar betelberens;
- Ferieningen sûnder eigen kantine, sa as gym-, turn- en toanielferieningen, fertsjinje ekstra stipe wannear't dat nedich is. Om't sy gjin ynkomsten út hoareka hawwe, binne sy meastepart ôfhinklik fan kontribúsjes om har aktiviteiten draaiende te hâlden;
- Wy sette besteande regelingen troch dy't ynweners mei in leger ynkommen stypje, sadat sawol folwoeksenen as bern sporten en oan sport- en beweegaktiviteiten meidwaan bliuwe kinne.

Tema Iepenbier Grien

Iepenbier grien spilet in wichtige rol yn de leefberens, útstrieling en identiteit fan ús doarpen. It soarget foar in noflike wenomjouwing, romte foar moeting en draacht by oan de sûnens fan ús ynweners. Wy stribje nei in oantreklike, griene en goed ûnderhâlden iepenbiere romte dy't bydraacht oan leefberens en doarpskwaliteit. Sintrumgebieten, parken en boartersplakken krije dêrby in hegere prioriteit. Wy wolle ús iepenbier grien goed ûnderhâlde en wêr mooglik fersterkje. Tagelyk wolle wy romte biede oan inisjativen dy't bydrage oan in griener en leefberder doarp. De belutsenens fan ynweners en doarpen by de ynrjochting en it behear fan iepenbier grien wolle wy fergrutsje, wêrby't inisjativen dy't bydrage oan bioferskaat ekstra stimulearre wurde, mits dy ek echt it bioferskaat ferbetterje.

Zo werken we aan een openbare ruimte die veilig en prettig aanvoelt en bijdraagt aan sociale samenhang en gezondheid. Daarbij zoeken we steeds de balans tussen kwaliteit, betrokkenheid van inwoners en een realistische inzet van middelen, passend bij de schaal en aard van de dorpen in onze gemeente.

Dit gaan we doen

- We verhogen in het beeldkwaliteitsplan het onderhoudsniveau van centrumgebieden, speeltuinen en parken naar ‘hoog’, waarbij in de buitengebieden een lager onderhoudsniveau mogelijk is;
- We stimuleren en faciliteren initiatieven uit de mienskip, waarbij Plaatselijke Belangen onze vaste gesprekspartner zijn;
- We stimuleren inwoners en vrijwilligers die (delen van) het groen willen onderhouden of inrichten via een vorm van uitdaagrecht waar het biodiversiteitsplan leidend in is;
- We plaatsen, op verzoek van Plaatselijk Belang en indien mogelijk en rekening houdend met biodiversiteit, extra bladkorven om overlast in de herfst te beperken;
- We maken ruimte voor sociale voedseltuinen;

Thema Landschap en Erfgoed

Het landschap van Opsterland is een waardevol onderdeel van ons erfgoed. De open veenweiden, beekdalen en het coulisselandschap vormen samen een uniek en herkenbaar Fries landschap dat onze identiteit en leefkwaliteit bepaalt. Wij willen zuinig omgaan met deze ruimte en het open, groene en landelijke karakter behouden en versterken. Het landschap is een levend geheel waarin natuur, water, biodiversiteit, landbouw en cultuurhistorie met elkaar verweven zijn.

De landbouw blijft belangrijk als beheerder van het landschap en drager van het agrarisch cultuurlandschap. Tegelijk vraagt het versterken van biodiversiteit om extra aandacht, zodat natuurwaarden kunnen herstellen en floreren. Door klimaatverandering, bodemdaling en ruimtedruk staat het landschap onder spanning. Dit vraagt om een zorgvuldige aanpak waarin landschappelijke en cultuurhistorische waarden centraal staan.

Erfgoed, zoals historische verkaveling, oude paden, houtwallen en monumentale panden en boerderijen, geeft onze gemeente zijn herkenbaarheid. Deze waarden willen wij beschermen, versterken en beter beleefbaar maken, zodat het karakter van Opsterland behouden blijft voor de toekomst.

Sa wurkje wy oan in iepenbiere romte dy't feilich en noflik oanfielt en bydraacht oan sosjale gearhing en sûnens. Dêrby sykje wy hieltyd de balâns tusken kwaliteit, belutsenens fan ynwenners en in realistyske ynset fan middels, passend by de aard en skaal fan de doarpen yn ús gemeente.

Dit dogge wy

- Wy ferheegje yn it byldkwaliteitsplan it ûnderhâldsnivo fan sintrumgebieten, boarterstunen en parken nei 'heech', wêrby't yn de bûtengebieten in leger ûnderhâldsnivo mooglik is;
- Wy stimulearje en fasilitearje inisjativen út de mienskip, wêrby't Pleatslike Belangen ús fêste petearpartner binne;
- Wy stimulearje ynwenners en frijwilligers dy't (parten fan) it grien ûnderhâlde of ynrjochtsje wolle fia in foarm fan útdaachrjocht dêr't it bioferskaatsplan liedend yn is;
- Wy pleatse, op fersyk fan Pleatslik Belang en as dat mooglik is en rekkening hâldend mei bioferskaat, ekstra blêdkuorren om oerlêst yn de hjerst te beheinen;
- Wy meitsje romte foar sosjale fiedseltunen.

Tema Lânskip en Erfgoed

It lânskip fan Opsterlân is in weardefol ûnderdiel fan ús erfgoed. De iepen feangreiden, beekdellingen en it kûlislânskip foarmje mei-inoar in unyk en werkenber Frysk lânskip dat ús identiteit en leefkwaliteit bepaalt. Wy wolle sunich omgean mei dy romte en it iepen, griene en lanlike karakter behâlde en fersterkje. It lânskip is in libben geheel wêryn't natuer, wetter, bioferskaat, lânbou en kultuerhistoarje mei-inoar ferweve binne. De lânbou bliuwt wichtich as behearder fan it lânskip en drager fan it agrarysk kultuerlânskip. Tagelyk freget it fersterkjen fan bioferskaat om ekstra omtinken, sadat natuerwearden werstelle en florearje kinne. Troch klimaatferoaring, boaiemdelgong en romtedruk stiet it lânskip ûnder spanning. Dat freget om in soarchfâldige oanpak dêr't lânskiplike en kultuerhistoaryske wearden yn sintraal stean.

Erfgoed, sa as histoaryske ferkaveling, âlde paden, houtwâlen en monumintale pannen en pleatsen, jout ús gemeente syn werkenberens. Dizze wearden wolle wy beskermje, fersterkje en better beleefber meitsje, sadat it karakter fan Opsterlân behâlden bliuwt foar de toekomst.



Dit gaan we doen

- We stellen een landschapsbiografie vast om de kwaliteit en identiteit van het Opsterlandse landschap actief te beschermen en versterken. We borgen zo snel mogelijk de bescherming van de landschapselementen juridisch, zoals de boomwallen van het coulisselandschap;
- We beschermen groene buffers tussen dorpen, zoals tussen Ureterp en Drachten, tussen Gorredijk, Terwispel en Lippenhuizen en tussen Beetsterzwaag en Boornbergum, zodat de dorpen haar eigen karakter behouden en landschap beschermd wordt;
- We zoeken samenwerking in Zuidoost-Fryslân op het gebied van natuurherstel en biodiversiteit om de gezonde leefomgeving te vergroten;
- De zuidoostelijke oksel van de N381/A7 bij Ureterp blijft groen landbouwgebied;
- We actualiseren het lichtbeleid zodat veiligheid en energiebesparing in balans blijven met het behoud van duisternis en natuurwaarden;
- Het gebrek aan natuurherstel zet woningbouw en ondernemers in een deel van onze gemeente op slot. We gaan met de provincie en het Wetterskip aan het werk met gerichte ruimtelijke maatregelen om natuurherstel juridisch te borgen. Het doel is dat de vergunningverlening weer loskomt met de focus op drie kernpunten: hydrologische verbetering, het verbinden van natuurgebieden en ruimte voor gebiedseigen bosaanplant door actief grondbeleid, eventueel in samenwerking met provincie Fryslân;
- We gaan ongewenste invasieve exoten, oftewel uitheemse soorten die schadelijk zijn voor de lokale natuur, actiever bestrijden. We onderzoeken of we in de BuitenBeter-app de mogelijkheid toe kunnen voegen om invasieve exoten te melden;
- We werken aan een gezonde leefomgeving met meer biodiversiteit, schoon water, een gezonde bodem en sterke natuur, in lijn met het biodiversiteitsplan;
- We werken actief aan het behoud en onderhoud van cultuurhistorisch waardevolle locaties, zoals de Roodbaard-tuinen in Beetsterzwaag en Olterterp;
- We maken ruimte voor natuurvriendelijke landbouw op agrarische gronden, waarbij innovatieve en extensieve vormen van landbouw worden gestimuleerd die bijdragen aan biodiversiteit en lokaal initiatief;
- We onderzoeken of de contouren van de oude Adelskerk in Oud Beets opnieuw zichtbaar kunnen worden gemaakt.

Dit dogge wy

- Wy stelle in lânskipsbiografy fêst om de kwaliteit en identiteit fan it Opsterlânske lânskip aktyf te beskermjen en fersterkjen. Wy boargje sa fluch mooglik de beskerming fan de lânskipselementen juridysk, lykas de beamwâlen fan it kûlislânskip;
- Wy beskermje griene buffers tusken doarpen, lykas tusken Oerterp en Drachten, tusken De Gordyk, Terwispel en Lippenhuizen en tusken Beetstersweach en Boarnburgum, sadat de doarpen har eigen karakter behâlde en lânskip beskerme wurdt;
- Wy sykje gearwurking yn Súdeast-Fryslân op it mêd fan natuerwerstel en bioferskaat om de sûne leefomjouwing te fergrutsjen;
- De súdeastlike oksel fan de N381/A7 by Oerterp bliuwt grien lânbougebiet;
- Wy aktualisearje it ljochtblied sadat feiligens en enerzjybesparing yn balâns bliuwe mei it behâld fan tsjuster en natuerwaarden;
- It tekoart oan natuerwerstel set wenningbou en ûndernimmer yn in part fan ús gemeente op slot. Wy gean mei de provinsje en it Wetterskip oan it wurk mei doelfêste romtlke maatregels om natuerwerstel juridysk te boargjen. It doel is dat de fergunningsferliening wer loskomt mei de fokus op trije kearnpunten: hydrologyske ferbettering, it ferbinen fan natuergebieten en romte foar gebietseigen boskoanplant troch aktyf grûnbelied, eventueel yn gearwurking mei provinsje Fryslân;
- Wy sille net-winske ynvasive eksoaten, oftewol útlânske soarten dy't skealik binne foar de lokale natuer, aktiver bestride. Wy ûndersykje oft wy yn de BuitenBeter-app de mooglikheid tafoegje kinne om ynvasive eksoaten te melden;
- Wy wurkje oan in sûnere leefomjouwing mei mear bioferskaat, skjin wetter, in sûne boaiem en sterke natuer, yn line mei it bioferskaatsplan;
- Wy wurkje aktyf oan it behâld en ûnderhâld fan kultuerhistoarysk weardefolle lokaasjes, lykas de Roodbaard-tuinen yn Beetstersweach en Olterterp;
- Wy meitsje romte foar natuerfreonlike lânbou op agraryske grûnen, wêrby't ynnovative en ekstinsive foarmen fan lânbou dy't bydrage oan bioferskaat en lokaal inisjatyf stimulearre wurde;
- Wy ûndersykje oft de kontoeren fan de âlde Adelsjerke yn Ald Beets op 'e nij sichtber makke wurde kinne.

Sociaal Domein

In Opsterland willen we dat iedereen zo gezond en gelukkig mogelijk kan opgroeien en oud kan worden. We zorgen voor de mensen die het wat minder hebben. De laatste jaren hebben de gemeenten veel taken in het sociaal domein overgenomen van het Rijk. Dat is een grote verantwoordelijkheid, waar Opsterland de laatste jaren zorgvuldig mee is omgegaan. Wij werken integraal van preventie naar zorg. Dat betekent dat we investeren in het voorkomen van problemen waar het kan en kunnen zorgen waar het nodig is. Dit doen we met een stevige, sociale basis in onze dorpen. Deze koers zetten we graag door.

Tegelijkertijd zien we dat de kosten oplopen, de steun vanuit het Rijk niet altijd voldoende is en arbeidsmarktkrapte in en rondom de zorg nog steeds aanwezig is. Daarom willen we tûk omgaan met ons sociaal domein. Wij investeren in kwaliteit en we zetten in op goed werkende en effectieve maatregelen. Daarnaast willen we goed monitoren wát we doen, om te kijken of we het beste werk blijven leveren wat past bij onze inwoners.

Dit gaan we doen:

- We stellen een overkoepelende visie voor het sociaal domein op, waarin samenhang tussen zorg, ondersteuning, participatie en preventie wordt uitgewerkt;
- De betaalbaarheid van het sociaal domein staat onder druk. Daarom voeren wij de taken uit binnen de beschikbare financiële kaders en de middelen die van het Rijk worden ontvangen. Door in te zetten op een doelmatige besteding van middelen ontstaat meer ruimte voor preventie, maatwerk en ondersteuning voor inwoners die dat het meeste nodig hebben.

Thema Meedoen, Werk en Bestaanszekerheid

We werken dicht bij de inwoner, met oog voor maatwerk en de kracht van de mienskip, waarbij dorpen, werkgevers en partners actief worden betrokken om kansen te vergroten en mensen perspectief te bieden. Iedereen moet kunnen meedoen in de samenleving en zo zelfstandig mogelijk kunnen leven. Werk en

Sosjaal Domein

Yn Opsterlân wolle wy dat elkenien sa sûn en lokkich mooglik opgroeie en âld wurde kin. Wy soargje foar de minsken dy't it wat minder hawwe. De lêste jierren hawwe de gemeenten in soad taken yn it sosjaal domein oernommen fan it Ryk. Dat is in grutte ferantwurdlikens, dêr't Opsterlân de lêste jierren soarchfâldich mei omgien is. Wy wurkje yntegraal fan previnsje nei soarch. Dat betsjut dat wy ynvestearje yn it foarkommen fan problemen dêr't it kin en soargje kinne dêr't dat nedich is. Dat dogge wy mei in stevige, sosjale basis yn ús doarpen. Dy koers sette wy graach troch.

Tagelyk sjogge wy dat de kosten oprinne, de stipe út it Ryk wei net altyd genôch is en arbeidsmerkkrapte yn en rûnom de soarch noch altyd oanwêzich is. Dêrom wolle wy tûk omgean mei ús sosjaal domein. Wy ynvestearje yn kwaliteit en wy sette yn op goed wurkjende en effektive maatregels. Dêrneist wolle wy goed monitoarje wát wy dogge, om te sjen oft wy it bêste wurk leverjen bliuwe dat past by ús ynweners.

Dit dogge wy

- Wy stelle in oerkoepeljende fyzje foar it sosjaal domein op, dêr't gearhing tusken soarch, ûndersteuning, partisipaasje en previnsje yn útwurke wurdt;
- De betelberens fan it sosjaal domein stiet ûnder druk. Dêrom fiere wy de taken út binnen de beskikbere finansjele kaders en de middels dy't fan it Ryk ûntfongen wurde. Troch yn te setten op in doelmjittige besteging fan middels ûntstiet mear romte foar previnsje, maatwerk en ûndersteuning foar ynweners dy't dat it measte nedich hawwe.

Tema Meidwaan, Wurk en Bestaanswissens

Wy wurkje ticht by de ynwenner, mei each foar maatwerk en de krêft fan de mienskip, wêrby't doarpen, wurkjouwers en partners aktyf belutsen wurde om kânsen te fergrutsjen en minsken perspektyf te bieden. Elkenien moat meidwaan kinne yn de mienskip en sa selsstannich mooglik libje kinne. Wurk en maatskiplike partisipaasje stean dêrby foarop. De útfiering fan de sosjale wet- en regeljouwing



maatschappelijke participatie staan daarbij voorop. De uitvoering van de sociale wet- en regelgeving (Participatiewet, inburgering en armoedebeleid) is gericht op het voorkomen van afhankelijkheid van uitkeringen en het stimuleren van werk, ontwikkeling en eigen verantwoordelijkheid. Tegelijkertijd blijft er altijd een vangnet voor wie dat nodig heeft. We erkennen daarbij dat de kansen die mensen krijgen niet voor iedereen gelijk zijn. Geboorteplek, gezinssituatie en de omgeving waarin iemand opgroeit kunnen van invloed zijn op perspectief en ontwikkelkansen. Juist daarom is het belangrijk om te blijven investeren in gelijke kansen en ondersteuning waar dat nodig is.

Dit gaan we doen

- We willen bestaanszekerheid als raadsbreed thema oppakken. Juist omdat bestaanszekerheid raakt aan wonen, werk, zorg, armoede en leefbaarheid, vinden we het belangrijk om dit onderwerp gezamenlijk en zo breed mogelijk binnen de raad te benaderen;
- We vinden voorzieningen zoals Caparis belangrijk, omdat we hiermee inwoners de kans bieden om mee te doen, werkervaring op te doen en talenten te ontwikkelen. Voor mensen voor wie regulier werk niet vanzelfsprekend is, bieden deze voorzieningen structuur, begeleiding en een waardevolle plek in de samenleving.

Thema Sociale basis, Ondersteuning en Leefbare dorpen

In Opsterland vinden wij het belangrijk dat iedereen kan meedoen in de samenleving. Inwoners moeten zo lang mogelijk zelfstandig en volwaardig kunnen leven, met ondersteuning die dichtbij is en past bij hun eigen situatie. Daarbij staat de Wet maatschappelijke ondersteuning (Wmo) in het teken van het versterken van eigen kracht en sociale netwerken. Waar nodig wordt dit aangevuld met professionele hulp. Preventie, maatwerk en de kracht van de mienskip vormen daarbij het uitgangspunt.

Een sterke sociale basis in de dorpen is hiervoor essentieel. Inwoners ondersteunen elkaar en zorg en ondersteuning worden zo dichtbij mogelijk georganiseerd. Dat draagt bij aan sterke en zelfstandige dorpen, waar ruimte is voor eigen initiatief, meedenken en het nemen van verantwoordelijkheid. Tegelijk vinden wij het belangrijk dat er een sterke verbinding en wederzijds vertrouwen is tussen inwoners, dorpen en gemeente. Door nauwe samenwerking met de dorpen en ruimte voor creativiteit en lokale ideeën willen we samen werken aan een toekomstbestendig en leefbaar Opsterland.

(Partisipaasjewet, ynboargering en earmoedebeleid) is rjochte op it tefoaren kommen fan ôfhinklikens fan útkearingen en it stimulearjen fan wurk, ûntwikkeling en eigen ferantwurdlikens. Tagelyk bliuwt der altyd in fangnet foar wa't dat nedich hat. Wy erkenne dêrby dat de kânsen dy't minsken krije net foar elkenien gelyk binne. Berteplak, gesinssituaasje en de omjouwing dêr't ien yn opgroeit kinne fan ynfloed wêze op perspektyf en ûntwikkelkânsen. Krekt dêrom is it wichtich om ynvestearjen te bliuwen yn gelikense kânsen en stipe dêr't dat nedich is.

Dit dogge wy

- Wy wolle bestaanswissens as riedsbreed tema oppakke. Krekt omdat bestaanswissens rekket oan wenjen, wurk, soarch, earmoede en leefberens, fine wy it wichtich om dit ûnderwerp mienskiplik en sa breed mooglik binnen de ried oan te pakken;
- Wy fine foarsjenningen lykas Caparis wichtich, omdat wy dêrmei ynweners de kâns biede om mei te dwaan, wurkûnderfining op te dwaan en talinten te ûntwikkeljen. Foar minsken foar wa't regulier wurk net fanselssprekend is, biede dy foarsjenningestruktuer, begelieding en in weardefol plak yn de mienskip.

Tema Sosjale basis, Stipe en Leefbere doarpen

Yn Opsterlân fine wy it wichtich dat elkenien meidwaan kin yn de mienskip. Ynwenners moatte sa lang mooglik selsstannich en folweardich libje kinne, mei stipe dy't tichtby is en past by de eigen situaasje. Dêrby stiet de Wet maatskiplike ûndersteuning (Wmo) yn it ramt fan it fersterkjen fan de eigen krêft en sosjale netwurken. Dêr't dat nedich is wurdt dit oanfolle mei profesjonele help. Previjsje, maatwurk en de krêft fan de mienskip foarmje dêrby it útgongspunt.

In sterke sosjale basis yn de doarpen is hjirfoar essinsjeel. Ynwenners stypje inoar en soarch en stipe wurde sa tichtby mooglik organisearre. Dat draacht by oan sterke en selsstannige doarpen, dêr't romte is foar eigen inisjatyf, meitinken en it nimmen fan ferantwurdlikens. Tagelyk fine wy it wichtich dat der in sterke ferbining en wjersidich fertrouwen is tusken ynweners, doarpen en gemeente. Troch nauwe gearwurking mei de doarpen en romte foar kreativiteit en lokale ideeën wolle wy mei-inoar wurkje oan in takomstbestindich en leefber Opsterlân.



Dit gaan we doen

- We introduceren de Doarpsdream. Een initiatief waarmee we blijven inzetten op creativiteit en ideeën vanuit de dorpen, waarbij ruimte is om zonder vaste kaders over de toekomst na te denken;
- We houden de dorpschouw in stand en nodigen hierbij ook de gemeenteraad uit;
- We zetten de doarpspetearen voort en hechten veel waarde aan de dorpsvisies vanuit de dorpen;
- We zetten de functie van dorpencoördinator voort. Daarbij vinden wij het belangrijk dat deze persoon goed weet wat er speelt in de dorpen en ervaring heeft met de openbare ruimte;
- We zetten de subsidieregeling Foar ús Doarp voort om initiatieven vanuit de samenleving te ondersteunen;
- We herijken het beleid voor maatschappelijk vastgoed, waarbij we in samenwerking met verenigingen en stichtingen een meerjarenonderhoudsplan opstellen;
- We waarderen de inzet van Plaatselijk Belangen en andere vrijwilligers. We blijven hen zo goed mogelijk ondersteunen en faciliteren. We brengen de voorzieningen voor vrijwilligers, zoals de collectieve vrijwilligersverzekering en de verenigingsondersteuner, beter onder de aandacht en informeren actief;
- We scherpen de preventie-agenda aan, maken de resultaten zichtbaarder en monitoren de effectiviteit van maatregelen, zodat middelen doelgericht en effectief worden ingezet;
- We gaan uit van eigen verantwoordelijkheid en de kracht van sociale netwerken, zodat ondersteuning en zorg beschikbaar blijven voor inwoners die dat nodig hebben. We versterken de regie op toegang tot zorg en ondersteuning en verbeteren de samenwerking tussen betrokken organisaties en partners;
- We zetten de inzet van de wijk-GGD'er voort om vroegtijdig ondersteuning te bieden bij complexe situaties op het snijvlak van zorg, veiligheid en leefbaarheid;
- We willen voorkomen dat ondersteuning vooral terechtkomt bij inwoners die hun weg goed weten te vinden, terwijl juist de meest kwetsbare inwoners daardoor minder goed bereikt worden (Mattheuseffect). Daarom sturen we actief op het bereiken van de mensen die de ondersteuning het hardst nodig hebben.

Thema Jeugdhulp

Ieder kind en iedere jongere verdient de kans om veilig, gezond en kansrijk op te

Dit dogge wy

- Wy yntrodusearje de Doarpsdream. In inisjatyf wêrmei't wy ynsetten bliuwe op kreativiteit en ideeën út de doarpen wer, wêrby't romte is om sûnder fêste kaders oer de takomst nei te tinken;
- Wy hâlde doarpskou yn stân en nûgje hjirby ek de gemeenteried út;
- Wy sette de doarpspetearen troch en hechtsje in soad wearde oan de doarpsfyzjes út de doarpen wei;
- Wy sette de funksje fan doarpekoördinator troch. Dêrby fine wy it wichtich dat dy persoan goed wit wat der spilet yn de doarpen en ûnderfining hat mei de iepenbiere romte;
- Wy sette de subsydzjeregeling Foar ús Doarp troch om inisjativen út de mienskip wei te stypjen;
- Wy wer-ikerje it belied foar maatskiplik fêstgoed, wêrby't wy yn gearwurking mei ferieningen en stichtingen in mearjierre-ûnderhâldsplan opstelle;
- Wy wurdearje de ynset fan Pleatslik Belangen en oare vrijwilligers. Wy bliuwe har sa goed mooglik stypjen en fasilitearjen. Wy bringe de foarsjenningen foar vrijwilligers, lykas de kollektive vrijwilligersfersekering en de ferieningsstiper, better ûnder de oandacht en ynformearje aktyf;
- Wy skerpje de previnsje-aginda oan, meitsje de resultaten sichtberder en monitoarje de effektiviteit fan maatregels, sadat middels doelfêst en effektyf ynset wurde;
- Wy gean út fan eigen ferantwurdlikens en de krêft fan sosjale netwurken, sadat stipe en soarch beskikber bliuwe foar ynwenners dy't dat nedich hawwe. Wy fersterkje de regy op tagong ta soarch en ûndersteuning en ferbetterje de gearwurking tusken belutsen organisaasjes en partners;
- Wy sette de ynset fan de wyk-GGD'er troch om betide stipe te bieden by komplekse situaasjes op it snijvlak fan soarch, feiligens en leefberens;
- Wy wolle tefoaren komme dat stipe foaral terjochte komt by ynwenners dy't har wei goed witte te finen, wylst krekt de meast kwetsbere ynwenners dêrtroch minder goed berikt wurde (Mattheuseffekt). Dêrom stjoere wy aktyf op it berikken fan de minsken dy't de stipe it hardst nedich hawwe.

Tema Jeugdhulp

Elk bern en elke jongere fertsjinnet de kâns om feilich, sûn en kânsryk op te groeien yn de eigen leefomjouwing. Dêrfoar is it wichtich dat stipe yntiids, passend en tichtby organisearre wurdt, sadat húshâldingen fluch de goede help krije wannear't dat nedich is. Wy sette dêrom yn op it fersterkjen fan de sosjale basis yn doarpen en wiken. Goede foarsjenningen lykas moetingssplakken, sport, ûnderwiis en jeugdwurk

groeien in de eigen leefomgeving. Daarvoor is het belangrijk dat ondersteuning tijdig, passend en dichtbij wordt georganiseerd, zodat gezinnen snel de juiste hulp krijgen wanneer dat nodig is. Wij zetten daarom in op het versterken van de sociale basis in dorpen en wijken. Goede voorzieningen zoals ontmoetingsplekken, sport, onderwijs en jeugdwerk spelen daarin een belangrijke rol en helpen om problemen vroeg te signaleren en te voorkomen dat zwaardere zorg nodig is.

Door deze inzet kan de behoefte aan zware jeugdhulp worden verminderd. Waar hulp nodig is, zorgen we voor een integrale aanpak die aansluit bij de situatie van het gezin. Bij multiproblematiek in gezinnen is snelle, samenhangende en passende ondersteuning essentieel. Tegelijk willen we meer grip houden op de instroom in de jeugdhulp door zorgvuldig te kijken naar noodzaak en indicatiestelling, zodat hulp terecht komt waar die het hardst nodig is en onnodige doorverwijzingen worden voorkomen.

Dit gaan we doen

- We voeren de Hervormingsagenda Jeugd út;
- We scherpen de preventie-agenda aan en monitoren de effectiviteit van maatregelen, zodat middelen doelgericht en effectief worden ingezet;
- We versterken vroegsignalering en ondersteuning bij multiproblematiek in gezinnen, bijvoorbeeld bij scheidingen;
- We blijven jeugdwerkers en andere professionals inzetten die dichtbij jongeren en gezinnen staan en vroeg kunnen handelen;
- We sturen actiever op de noodzaak van jeugdhulp: alleen inzetten wat echt nodig is;
- We zetten in op een effectieve en doelmatige inzet van middelen, waarbij ondersteuning zoveel mogelijk dichtbij en preventief wordt georganiseerd. Hoe beter we erin slagen problemen vroegtijdig te voorkomen of te beperken, hoe meer ruimte ontstaat voor preventie, maatwerk en ondersteuning voor inwoners die dat echt nodig hebben;
- We versterken de sociale basis door te investeren in voorzieningen zoals ontmoetingsplekken, sport en laagdrempelige voorzieningen voor jongeren;
- We onderschrijven de doelstelling van Opgroeien in een Kansrijke Omgeving (OKO);
- We werken integraal samen met onderwijs, zorg, welzijn en veiligheid om gezinnen sneller en beter te ondersteunen.

Thema Opvang en Integratie

Wij willen geen asielzoekerscentrum in onze gemeente. Dat past niet bij de aard

spylje dêryn in wichtige rol en helpe om problemen ier te sinjalearen en tefoaren te kommen dat swierdere soarch nedich is.

Troch dizze ynset kin it ferlet oan swiere jeugdhulp fermindere wurde. Wêr't help nedich is, soargje wy foar in yntegrale oanpak dy't oanslút by de situaasje fan de húshâlding. By multyproblematyk yn húshâldingen is flugge, gearhingjende en passende stipe essinsjeel. Tagelyk wolle wy mear grip hâlde op de ynstream yn de jeugdhulp troch soarchfâldich te sjen nei needsaak en yndikaasjestelling, sadat help terjochte komt dêr't dy it hurdst nedich is en ûnnedige trochferwizingen tefoaren kommen wurde.

Dit dogge wy

- Wy fiere de Herfoarmingsagenda Jeugd út;
- Wy skerpje de previnsje-aginda oan en monitoarje de effektiviteit fan maatregels, sadat middels doelfêst en effektyf ynset wurde;
- Wy fersterkje iersinjalearring en stipe by multyproblematyk yn húshâldingen, bygelyks by skiedingen;
- Wy bliuwe jeugdwerkers en oare professionals ynsetten dy't ticht by jongeren en húshâldingen stean en yntiids hannelje kinne;
- Wy stjoere aktiver op de needsaak fan jeugdhulp: allinnich ynsette wat echt nedich is;
- Wy sette yn op in effektive en doelmjittige ynset fan middels, wêrby't stipe safolle mooglik tichtby en previntyf ynset wurdt. Hoe better wy deryn slagje problemen betiid tefoaren te kommen of te beheinen, hoe mear romte der ûntstiet foar previnsje, maatwurk en stipe foar ynweners dy't dat echt nedich hawwe;
- Wy fersterkje de sosjale basis troch te ynvestearjen yn foarsjenningen lykas moetingplakken, sport en leechdrempelige foarsjenningen foar jongerein;
- Wy ûnderskriuwe de doelstelling fan Opgroeien yn in Kânsrike Omjouwing (OKO);
- Wy wurkje yntegraal gear mei ûnderwiis, soarch, wolwêzen en feiligens om gesinnen flugger en better te stypjen.

Tema Opfang en Yntegraasje

Wy wolle gjin asylsikerssintrum yn ús gemeente. Dat past net by de aard en skaal fan Opsterlân. Wy sjogge de needsaak en it nut fan de regionale trochstreamlokaasje Ikenhiem. Dêrom meitsje wy ús hurd om dy oantallen meitelle te litten foar de Spriedingswet. Statushâlders dy't al tawisd binne oan in gemeente, nimme noch altyd in soad romte yn yn AZC's. Troch har in tydlik plak te bieden, leverje wy in

en schaal van Opsterland. We zien de noodzaak en het nut van de regionale doorstroomlocatie Ikenhiem. Daarom maken wij ons hard om deze aantallen mee te laten tellen voor de Spreidingswet. Statushouders die al toegewezen zijn aan een gemeente, nemen nog steeds veel ruimte op in AZC's. Door hen een tijdelijke plek te bieden, leveren we een nuttige en effectieve bijdrage het asielprobleem. Opvang en integratie is een maatschappelijke opgave waarin menselijkheid, verantwoordelijkheid en draagkracht in balans moeten zijn. Wij dragen bij aan de provinciale opgave vanuit de Spreidingswet en nemen daarin onze verantwoordelijkheid. Tegelijk staat het behoud van leefbaarheid en draagkracht in onze dorpen bij deze opgave centraal.

Nieuwe inwoners krijgen de kans op een snelle en goede integratie in onze samenleving en worden ondersteund om zich thuis te voelen en volwaardig mee te doen, onder andere via werk, taal en sociale contacten. Integratie is daarbij een wederkerig proces: van nieuwkomers en van de mienskip zelf, waarin ontmoeting, acceptatie en meedoen van beide kanten nodig zijn. Tegelijk vinden wij het belangrijk dat dit gebeurt binnen de grenzen van de aard, schaal en draagkracht van onze dorpen. Leefbaarheid staat daarbij altijd voorop.

Dit gaan we doen

- We gaan geen nieuwe opvanglocaties of nieuwe doorstroomlocaties realiseren boven op de bestaande locaties voor asielzoekers en statushouders;
- We blijven, in lijn met de provinciale opgave binnen de Spreidingswet, een bijdrage leveren aan de regionale opvang- en huisvestingsopgave. Dit betekent dat we:
 - De opvang van 20 alleenstaande minderjarige vreemdelingen voortzetten;
 - De doorstroomlocatie voor statushouders voortzetten tot en met 2028. De locatie kan, indien nodig om te blijven voldoen aan de wettelijke opgave, tijdelijk langer in stand worden gehouden;
 - Onze wettelijke taak rondom de huisvesting van circa 60 statushouders per jaar realiseren binnen onze huurwoningvoorraad. Hierbij gaan we bij toewijzing van sociale huurwoningen aan statushouders het principe van woningdeling toestaan;
 - De zes opvanglocaties voor Oekraïners voorzetten. Indien aanvullende opvang nodig is, kiezen we voor inpassing in reguliere woningen passend bij de schaal van de dorpen.

nuttige en effectieve bydrage oan it asylprobleem.

Opfang en yntegraasje is in maatskiplike opjefte wêryn't minsklikens, ferantwurdlikens en draachkrêft yn balâns wêze moatte. Wy drage by oan de provinsjale opjefte kommend út de Spriedingswet en nimme dêryn ús ferantwurdlikens. Tagelyk stiet it behâld fan leefberens en draachkrêft yn ús doarpen by dy opjefte sintraal.

Nije ynwenners krije de kâns op in flugge en goede yntegraasje yn ús mienskip en wurde stipe om har thús te fielen en folweardich mei te dwaan, ûnder oaren fia wurk, taal en sosjale kontakten. Yntegraasje is dêrby in wjersidich proses: fan nijkommers en fan de mienskip sels, wêryn't moeting, akseptaasje en meidwaan fan beide kanten nedich binne. Tagelyk fine wy it wichtich dat dit bart binnen de grinzen fan de aard, skaal en draachkrêft fan ús doarpen. Leefberens stiet dêrby altyd foarop.

Dit dogge wy

- Wy realisearje gjin nije opfanglokaasjes of nije trochstreamlokaasjes boppe-op de besteande lokaasjes foar asylsikers en statushâlders;
- Wy bliuwe, yn line mei de provinsjale opjefte binnen de Spriedingswet, in bydrage leverjen oan de regionale opfang- en húsfestingsopjefte. Dat betsjut dat wy:
 - De opfang fan 20 allinnichsteande minderjierrige frjemdlingen trochsette;
 - De trochstreamlokaasje foar statushâlders trochsette oant en mei 2028. De lokaasje kin, as dat nedich is om foldwaan te bliuwen oan de wetlike opjefte, tydlik langer yn stân hâlden wurde;
 - Us wetlike taak rûnom de húsfesting fan sawat 60 statushâlders de jier realisearje binnen ús hierwenningfoarried. Hjirby sille wy by tawizing fan sosjale hierwenningen oan statushâlders it prinsipe fan wenningdieling tastean;
 - De seis opfanglokaasjes foar Oekraïners trochsette. Yn it gefal oanfoljende opfang nedich is, kieze wy foar ynpassing yn reguliere wenningen, passend by de skaal fan de doarpen.

- We nemen in provinciale en landelijke gesprekken nadrukkelijk mee dat opvang en huisvesting impact hebben over de gemeentegrenzen, gezien de aanwezige grootschalige voorzieningen direct grenzend aan Opsterland, waaronder een AZC en Oekraïne-opvang in de gemeente Smellingerland nabij Ureterp en Beetsterzwaag, en betrekken dit in de regionale verdeling van de wettelijke opgave. Met de doorstroomlocatie Ikenhiem dragen wij effectief bij aan het asielvraagstuk in deze regio;
- We ondersteunen integratie actief via taal, werk en participatie, zodat nieuwe inwoners snel meedoen en opgenomen worden in de mienskip.

- Wy nimme yn provinsjale en lanlike petearen mei klam mei dat opfang en húsfesting ympakt hawwe oer de gemeentegrinzen, sjoen de oanwêzige grutskalige foarsjenningen direkt grinzgjend oan Opsterlân, dêrûnder in AZC en Oekraïne-opfang yn de gemeente Smellingerlân deunby Oerterp en Beetsterswearch, en belûke dat yn de regionale ferdieling fan de wetlike opjeft. Mei de trochsteamlokaasje Ikenhiem drage wy effektyf by oan it asylfraachstik yn dizze regio;
- Wy stypje yntegraasje aktyf fia taal, wurk en partisipaasje, sadat nije ynwenners fluch meidogge en opnommen wurde yn de mienskip.

“Een schone
en gezonde
leefomgeving is
een belangrijke
basis voor het
wonen en leven in
Opsterland.”

“In skjinne
en sûne
omjouwing is
in wichtige basis
foar it wenjen
en libjen yn
Opsterlân.”

Volksgezondheid en Milieu

Thema Volksgezondheid

De publieke gezondheidszorg in onze regio wordt uitgevoerd door GGD Fryslân, die onderdeel is van de Veiligheidsregio Fryslân. Binnen deze samenwerking werken gemeenten samen aan het beschermen, bewaken en bevorderen van de volksgezondheid. Dit omvat onder andere infectieziektebestrijding, gezondheidsbevordering en het versterken van een gezonde leefomgeving. Als gemeente dragen wij hier actief aan bij en werken wij aan een samenleving waarin gezondheid, preventie en zelfredzaamheid centraal staan.

Dit gaan we doen

We blijven intensief samenwerken binnen de Veiligheidsregio Fryslân aan publieke gezondheid, preventie en crisisvoorbereiding op gezondheidsgebied.

Thema Milieu

Een schone en gezonde leefomgeving is een belangrijke basis voor het wonen en leven in Opsterland. Een groene en goed functionerende leefomgeving is essentieel voor mens en dier. We willen ons landschap koesteren en behouden, terwijl we tegelijk zorgen voor een goede bescherming tegen wateroverlast en verdroging door een toekomstbestendig water- en rioelsysteem. We zetten in op zorgvuldig beheer van onze fysieke leefomgeving, met aandacht voor afval en riolering als essentiële basisvoorzieningen die betrouwbaar, betaalbaar, toekomstbestendig en op orde moeten zijn.

Dit gaan we doen

- We volgen de uitvoering van het Watertakenprogramma en evalueren de doelstellingen halverwege de looptijd;
- We zorgen voor een toekomstbestendig beheer van riolering en afvalinzameling, waarbij kwaliteit en betrouwbaarheid voorop staan;

Folkssûnens en miljeu

Tema Folkssûnens

De publieke sûnensoarch yn ús regio wurdt útfierd troch GGD Fryslân, dy't ûnderdiel is fan de Veiligheidsregio Fryslân. Binnen dy gearwurking wurkje gemeenten mei-inoar oan it beskermjen, bewekjen en befoarderjen fan de folkssûnens. Dit omfettet ûnder oaren ynfeksjesyktebestrijding, sûnensbefoarding en it fersterkjen fan in sûne leefomjouwing. As gemeente drage wy hjir aktyf oan by en wurkje wy oan in mienskip wêryn't sûnens, previnsje en selsredsumens yn sintraal stean.

Dit dogge wy

Wy bliuwe yntinsyf gearwurkjen binnen de Veiligheidsregio Fryslân oan publieke sûnens, previnsje en krisistarieding op sûnensmêd.

Tema Miljeu

In skjinne en sûne leefomjouwing is in wichtige basis foar it wenjen en libjen yn Opsterlân. In griene en goed funksjonearjende omjouwing is essinsjeel foar minske en dier. Wy wolle ús lânskip koesterje en behâlde, wylst wy tagelyk soargje foar in goede beskerming tsjin wetteroerlêst en ferdrûgjen troch in takomstbestindich wetter- en rioelsysteem. Wy sette yn op soarchfâldich beheer fan ús fysike leefomjouwing, mei oandacht foar ôffal en riolearring as essinsjele basisfoarsjenningen dy't betrouber, betelber, takomstbestindich en op oarder wêze moatte.

Dit dogge wy

- Wy folgje de útfiering fan it Wettertakeprogramma en evaluearje de doelstellingen healwei de rintiid;
- Wy soargje foar in takomstbestindich beheer fan riolearring en ôffalynsammeling, wêrby't kwaliteit en betrouberens foarop stean;

- We vangen stijgende kosten voor de uitvoering van het Watertakenprogramma op door een mix van maatregelen zoals werk-met-werk maken, het temporiseren van investeringen en het inzetten van de egalisereserve om de kostendekkendheid te garanderen;
- We blijven ons verzetten tegen gaswinningslocaties en sluiten daarbij aan bij de lobby van inwoners, Wetterskip Fryslân en provincie Fryslân;

Thema Energietransitie

Het afbouwen van het gebruik van fossiele energie is noodzakelijk voor de toekomst van Opsterland. Daarbij moet steeds een goede balans worden gevonden tussen duurzaamheid, het behoud van ons landschap en de leefbaarheid van onze dorpen. De energietransitie mag daarbij niet leiden tot extra gemeentelijke lasten voor onze inwoners.

Energiebesparing is de belangrijkste en meest directe stap die we nu kunnen zetten en vormt de belangrijkste pijler van onze energietransitie. Daarom zetten wij in op isolatie, zuinig energiegebruik en praktische maatregelen die direct bijdragen aan lagere energiekosten, CO₂-reductie en een beter milieu. Nieuwe technieken voor duurzame energieopwekking en opslag zijn volop in ontwikkeling, maar grootschalige energieopslag is nog beperkt beschikbaar. Daarom kiezen wij voor een realistische energiemix die uitgaat van bewezen, betrouwbare en toepasbare technologie.

Wij kiezen voor een realistische energietransitie waarin draagvlak, participatie en lokale betrokkenheid centraal staan. Inwoners en dorpen die zelf willen investeren in duurzame energie ondersteunen wij actief, onder meer via energiecoöperaties en dorpsinitiatieven.

Tegelijk blijven wij kritisch op grootschalige ingrepen in het landschap. Het unieke landschap van Opsterland en de leefbaarheid van onze dorpen moeten behouden blijven. Grootschalige projecten moeten passen bij de schaal van Opsterland én daadwerkelijk bijdragen aan de energietransitie, zonder lokale inspanningen van inwoners teniet te doen.

- Wy fange stijgende kosten foar de útfiering fan it Wettertakeprogramma op troch in miks fan maatregels lykas wurk-mei-wurk meitsjen, it temporisearjen fan ynvestearringen en it ynsetten fan de egalisaasjerreserve om de kostedekkendheid te garandearjen;
- Wy bliuwe ús fersetten tsjin gaswinningslokaasjes en slute dêrby oan by de lobby fan ynweners, Wetterskip Fryslân en provinsje Fryslân.

Tema Enerzjytransysje

It ôfbouwen fan it gebrûk fan fossile enerzjy is needsaaklik foar de takomst fan Opsterlân. Dêrby moat hieltyd in goede balâns fûn wurde tusken duorsumens, it behâld fan ús lânskip en de leefberens fan ús doarpen. De enerzjytransysje mei dêrby net liede ta ekstra gemeentlike lêsten foar ús ynweners.

Enerzjybesparring is de wichtichste en meast direkte stap dy't wy no sette kinne en foarmet de wichtichste pylder fan ús enerzjytransysje. Dêrom sette wy yn op isolaasje, sunich enerzjygebrûk en praktyske maatregels dy't direkt bydrage oan legere enerzjykosten, CO₂-reduksje en in better milieu. Nije technieken foar duorsume enerzjyopwekking en opslach binne folop yn ûntwikkeling, mar grutskalige enerzjyopslach is noch beheind beskikber. Dêrom kieze wy foar in realistyske enerzjymiks dy't útgiet fan bewiisde, betroubere en tapasbere technology.

Wy kieze foar in realistyske enerzjytransysje wêryn't draachflak, partisipaasje en lokale belutsenens sintraal stean. Ynweners en doarpen dy't sels ynvestearje wolle yn duorsume enerzjy stypje wy aktyf, ûnder mear fia enerzjykoöperaasjes en doarpsinisjativen.

Tagelyk bliuwe wy kritysk op grutskalige yngrepen yn it lânskip. It unike lânskip fan Opsterlân en de leefberens fan ús doarpen moatte behâlden bliuwe. Grutskalige projekten moatte passe by de skaal fan Opsterlân én echt bydrage oan de enerzjytransysje, sûnder lokale ynspanningen fan ynweners teneate te dwaan.

Dit gaan we doen

- We hanteren 2050 als een haalbare doelstelling om energieneutraal te zijn. Door het deels achterblijven van verwachte technologische ontwikkelingen, ruimtebeslag en draagvlak, lijkt de eerder gestelde doelstelling van 2035 op dit moment niet realistisch;
- We blijven inzetten op energiebesparing als een van de belangrijkste stappen in de energietransitie, onder andere door het stimuleren van isolatie, efficiënt energiegebruik en bewustwording bij inwoners en bedrijven; ook al zijn veel kleine ingrepen al uitgevoerd. De grote ingrepen komen volgens een natuurlijk proces tot stand, bijvoorbeeld bij de verkoop van een woning;
- We zetten de inzet van energieverkeners, energiecoaches en energiefixers voort;
- We stellen ons op als tûke folger van inzet van bewezen technieken. Momenteel zijn zon, wind en groengas de gangbare middelen. Wel staan wij open voor technologieën en ontwikkelingen die nu nog niet goed genoeg bewezen zijn, maar in de toekomst mogelijk wel bewezen worden, zoals kleine modulaire kernreactors;
- We kiezen nadrukkelijk voor lokale monovergisting en niet voor covergisting;
- Zonne-energie passen we met nadruk toe op daken, overkappingen en andere geschikte locaties. Bij uitzondering plaatsen we panelen met zorgvuldige landschappelijke inpassing op agrarische percelen, waar we met de eis tot herstellen en toepassen van landschapselementen zoals boomwallen rondom zonnevelden in het coulisselandschap ook landschappelijke winst kunnen realiseren;
- Het gesprek over de energietransitie raadsbreed voeren, binnen de kaders van het coalitieakkoord, met als doel te komen tot een concreet plan dat richting geeft aan keuzes en uitvoering. Een discussienota kan daarbij helpen om keuzes, locaties en de energiemix verder te concretiseren en om daadwerkelijk stappen te kunnen zetten;
- We nemen de ruimtelijke aspecten van de energietransitie mee in het Ruimtelijk Ontwikkelperspectief (ROP), zodat per gebied wordt vastgelegd wat wel en niet mogelijk is. Wel kiezen we alvast de volgende kwalitatieve aspecten:
 - Zonnevelden mogen niet opvallen, moeten volledig omgeven zijn door dichte boomsingels;
 - We vergunnen de aanleg alleen als daarmee het landschap (zoals het coulisselandschap) wordt versterkt of elders landschappelijk wordt ingepast;
 - We geven alleen tijdelijke vergunningen af;
 - Er wordt vooraf een voorziening voor het opruimen ingericht.

Dit dogge wy

- Wy hantearje 2050 as in helbere doelstelling om enerzjyneutraal te wêzen. Troch it foar in diel efterbliuwen fan ferwachte technologyske ûntwikkelingen, romtebeslach en draachflak, liket de earder stelde doelstelling fan 2035 op dit stuit net realistysk;
- Wy bliuwe ynsetten op enerzjybesparring as ien fan de wichtichste stappen yn de enerzjytransysje, ûnder oaren troch it stimulearjen fan isolaasje, effisjint enerzjygebrûk en bewustwurding by ynwenners en bedriuwen; ek al binne in soad lytse yngrepen al útfierd. De grutte yngrepen komme neffens in natuerlik proses ta stân, bygelyks by de ferkeap fan in wenning;
- Wy sette de ynset fan enerzjyferkeners, enerzjycoaches en enerzjyfixers troch;
- Wy stelle ús op as tûke folger fan ynset fan bewiisde technieken. Op it stuit binne sinne, wyn en grien gas de gongbere middels. Wol stean wy iepen foar technologyen en ûntwikkelingen dy't no noch net goed genôch bewiisd binne, mar yn de takomst mooglik wol bewiisd wurde, sa as lytse modulêre kearnreactors;
- Wy kieze mei klam foar lokale monovergisting en net foar ko-fergisting;
- Sinne-enerzjy passe wy mei klam ta op dakken, oerkapings en oare geskikte lokaasjes. By útsûndering pleatse wy panielen mei soarchfâldige lânskiplike ynpassing op agraryske perselen, dêr't wy mei de eask ta werstellen en tapassen fan lânskipseleminten lykas beamwâlen om sinnefjilden hinne yn it kûliselânskip ek lânskiplike winst realisearje kinne;
- It petear oer de enerzjytransysje riedsbreed fiere, binnen de kaders fan it koalysje-akkoart, mei as doel te kommen ta in konkreet plan dat rjochting jout oan karren en útfiering. In diskusjenota kin dêrby helpe om karren, lokaasjes en de enerzjymiks fierder te konkretisearjen en om echt stappen sette te kinnen;
- Wy nimme de romtlike aspekten fan de enerzjytransysje mei yn it Romtlik Untwikkelperspektyf (ROP), sadat per gebiet fêstlein wurdt wat wol en net mooglik is. Wol kieze wy alfêst de folgjende kwalitatieve aspekten:
 - Sinnefjilden meie net opfalle, moatte folslein omjûn wêze troch tichte beamsingels;
 - Wy fergunne de oanlis allinnich as dêrmei it lânskip (sa as it kûliselânskip) fersterke wurdt of op in oar plak lânskiplik ynpast wurdt;
 - Wy jouwe allinnich tydlike fergunningen ôf;
 - Der wurdt yn it foar in foarsjenning foar it opromjen ynrjochte.

- Het onderzoeken van een manier om de publieke deelname te borgen in een energiecoöperatie, waarbij inwoners worden gesteund in hun lokaal eigendomsaandeel;
- Samenwerking met omliggende gemeenten continueren we om kennis, capaciteit en opgaven beter te bundelen, bijvoorbeeld door samen te werken aan en gebruik te maken van grootschalige duurzame opwek, zoals gezamenlijke windenergieprojecten op land of op de Noordzee. Bij bijna alle Friese gemeenten speelt dezelfde problematiek;
- Bij nieuwbouw en ruimtelijke ontwikkeling zetten we in op meervoudig ruimtegebruik, zoals zonnepanelen boven parkeerplaatsen.

- It ûndersykjen fan in wize om de publike dielnimming te boargjen yn in enerzjykoöperaasje, wêrby't ynwenners stipe wurde yn har lokaal eigendomsoandiel;
- Gearwurking mei omlizzende gemeenten kontinuearje wy om kennis, kapasiteit en opjeften better te bondeljen, bygelyks troch gear te wurkjen oan en gebrûk te meitsjen fan grutskalich duorsum opwekjen, lykas mienskiplike wynenerzjyprojekten op lân of op de Noardsee. By hast alle Fryske gemeenten spilet deselde problematyk;
- By nijbou en romtlike ûntwikkeling sette wy yn op mearfâldich romtegebrûk, lykas sinnepanielen boppe parkearplakken.



Bouwen, Wonen en Gronden

Thema Wonen (incl. grondexploitaties)

Wonen is op dit moment één van de belangrijkste onderwerpen voor de inwoners van de gemeente Opsterland. De woonproblematiek heeft invloed op veel waar Opsterland voor staat. Denk bijvoorbeeld aan jongeren die niet meer vrijwilliger zijn in eigen dorp, omdat ze er niet meer kunnen wonen. Of inwoners die met hoge lasten vastzitten in een matig geïsoleerd huurhuis. En de lange wachtlijsten voor sociale huurwoningen waardoor jongeren langer bij hun ouders moeten blijven wonen. Daarom zet de coalitie zich in voor voldoende betaalbare en kwalitatief goede woningen in alle dorpen, passend bij de schaal, behoefte en identiteit van de dorpen zelf. Daarbij staan leefbaarheid, kwaliteit en het behoud van het dorpse karakter centraal.

Wij willen woningbouw in alle dorpen mogelijk maken, passend bij de leefomgeving en ter versterking van voorzieningen, sociale samenhang en leefbaarheid. Daarbij geven wij prioriteit aan de woonbehoefte van eigen inwoners en zetten wij in op een betere doorstroming op de woningmarkt, zodat starters, gezinnen en ouderen binnen hun eigen dorp kunnen blijven wonen.

Inbreiding (bouwen binnen de bestaande dorpsgrenzen) is daarbij het uitgangspunt. Uitbreiding kan alleen plaatsvinden wanneer dit zorgvuldig gebeurt en past binnen het landschap en het karakter van het dorp. Grootchalige uitbreidingen passen vooral bij de stedelijke kernen in de regio. De woonbehoefte van onze inwoners en de schaal en aard van Opsterland blijven daarbij leidend. Wij kiezen voor woningbouw die aansluit bij de toekomst van onze dorpen.

Dit gaan we doen

- We maken woningbouw mogelijk in alle dorpen, passend bij de aard, schaal en wensen van het dorp. In de grotere kernen sluiten we beperkte hoogbouw niet uit;
- We nemen een proactieve rol in woningbouwontwikkeling. Door tijdig te anticiperen op ontwikkelingen (bijvoorbeeld bij het vrijkomen van locaties zoals scholen) starten we eerder met planvorming en onderzoek om versnelling te

Bouwen, Wenjen en Grûn

Tema Wenjen (ynkl. grûneksplottaasjes)

Wenjen is op dit stuit ien fan de wichtichste ûnderwerpen foar de ynwenners fan de gemeente Opsterlân. De wenproblematyk hat ynfloed op in soad dêr't Opsterlân foar stiet. Tink bygelyks oan jongerein dy't net mear frijwilliger binne yn eigen doarp, om't se der net mear wenje kinne. Of ynwenners dy't mei hege lêsten fêstsitte yn in matich isolearre hierhûs. En de lange wachtlijsten foar sosjale hierwenningen wêrtroch't jongeren langer by har âlden wenjen bliuwe moatte. Dêrom set de koalysje him yn foar foldwaande betelbere en kwalitatyf goede wenningen yn alle doarpen, passend by de skaal, it ferlet en de identiteit fan de doarpen sels. Dêrby stean leefberens, kwaliteit en it behâld fan it doarpske karakter sintraal.

Wy wolle wenningbou yn alle doarpen mooglik meitsje, passend by de leefomjouwing en ta fersterking fan foarsjenningen, sosjale gearhing en leefberens. Dêrby jouwe wy prioriteit oan it wenferlet fan eigen ynwenners en sette wy yn op in bettere trochstreaming op de wenningmerk, sadat starters, húshâldingen en âlderen binnen har eigen doarp wenjen bliuwe kinne.

Ynwreiding (bouwe binnen de besteande doarpsgrinzen) is dêrby it útgongspunt. Utwreiding kin allinnich plakhawwe as dit soarchfâldich bart en past binnen it lânskip en it karakter fan it doarp. Grutskalige útwreidingen passe foaral by de stedske kearnen yn de regio. It wenferlet fan ús ynwenners en de skaal en aard fan Opsterlân bliuwe dêrby liedend. Wy kieze foar wenningbou dy't oanslút by de takomst fan ús doarpen.

Dit dogge wy

- Wy meitsje wenningbou mooglik yn alle doarpen, passend by de aard, schaal en winsken fan it doarp. Yn de gruttere kearnen slute wy beheinde heechbou net út;
- Wy nimme in pro-aktive rol yn wenningbou-ûntwikkeling. Troch yntiids te antispearjen op ûntwikkelingen (bygelyks by it frijkommen fan lokaasjes lykas skoallen) starte wy earder mei planfoarming en ûndersyk om ferhastiging te realisearjen;

- realiseren;
- Inbreiding heeft de voorkeur boven uitbreiding. Tegelijk blijven we actief in gesprek met de provincie over passende uitbreidingslocaties, die aansluiten bij de identiteit en schaal van onze dorpen;
- We onderzoeken waar welstandsvrij bouwen toegepast kan worden, zoals eerder is gedaan in Ureterp, om meer ruimte te geven aan eigen initiatief en passende woningbouwontwikkeling;
- We versterken de monitoring en sturing op woningbouw. Naast de bestaande woningbouwwebsite breiden we de kwartaalrapportage projecten aan de gemeenteraad uit, zodat voortgang van alle woningbouwprojecten transparant gevolgd kan worden;
- We continueren de samenwerking binnen de Friese woningbouwregio. Hiermee vergroten we onze positie richting het Rijk voor subsidies en stimuleren we woningcorporaties om ook in onze kernen te investeren in sociale huur;
- We onderzoeken en stimuleren dat bij toewijzing van sociale huurwoningen inwoners met een sociale of economische binding met het dorp voorrang krijgen. We juichen de pilot met woningcorporatie Elkien toe en brengen dit ook bij andere corporaties onder de aandacht;
- We gaan efficiënter om met de bestaande woningvoorraad. Daarbij onderzoeken en faciliteren we woningdeling, bijvoorbeeld bij huisvesting van statushouders of meergeneratiewoningen;
- We verruimen de mogelijkheden van het splitsen van woningen, als dat bijdraagt aan een goede ruimtelijke kwaliteit en het behoud van karakteristieke panden, zoals voormalige boerderijen en industriële gebouwen, in het buitengebied. Dit zal moeten leiden tot maatwerkoplossingen;
- De afspraken die tot nu toe gemaakt zijn tussen Friese gemeenten in de urgentieverordening zetten we voort;
- We evalueren en verbeteren de regeling voor pre-mantelzorgwoningen, met nadruk op ruimtelijke kwaliteit en gebruiksvriendelijkheid;
- In het Ruimtelijk Ontwikkelingsperspectief (ROP) bieden we ruimte voor beperkte verdichting van lintbebouwing op geschikte locaties, met behoud van landschappelijke kwaliteit en zichtlijnen;
- We blijven realisatie van betaalbare sociale koopwoningen voortzetten (onder de €250.000, prijspeil 2026);
- Bij nieuwe woningbouwontwikkelingen verschuift de focus niet alleen naar aantallen, maar nadrukkelijk ook naar kwaliteit: het type woning, de doelgroep, het zorgaanbod en de stedenbouwkundige inpassing.

- Ynwreiding hat de foarkar boppe útwreiding. Tagelyk bliuwe wy aktyf yn petear mei de provinsje oer passende útwreidingslokaasjes, dy't oanslute by de identiteit en schaal fan ús doarpen;
- Wy ûndersykje wêr't wolstânsfrij bouwen tapast wurde kin, sa't earder dien is yn Oerterp, om mear romte te jaan oan eigen inisjatyf en passende wenningbouw-ûntwikkeling;
- Wy fersterkje de monitoaring en stjoering op wenningbouw. Neist de besteande wenningbouwebside wreidzje wy de fearnsjierrapportazje projekten oan de gemeenteried út, sadat fuortgong fan alle wenningbouwprojekten transparant folge wurde kin;
- Wy kontinuearje de gearwurking binnen de Fryske wenningbouregio. Hjirmei fergrutsje wy ús posysje rjochting it Ryk foar subsydzjes en stimulearje wy wenningkorporaasjes om ek yn ús kearnen te ynvestearjen yn sosjale hier;
- Wy ûndersykje en stimulearje dat by tawizing fan sosjale hierwenningen ynwenners mei in sosjale of ekonomyske binning mei it doarp foarrang krije. Wy binne wiis mei de pilot fan wenningkorporaasje Elkien en bringe dit ek by oare korporaasjes ûnder de oandacht;
- Wy gean effisjinter om mei de besteande wenningfoarried. Dêrby ûndersykje en fasilitearje wy wenningdieling, bygelyks by húsfesting fan statushâlders of meargeneraasjewenningen;
- Wy ferromje de mooglikheden fan it splitsen fan weningen, as dat bydraacht oan in goede romtlike kwaliteit en it behâld fan karakteristike pannen, lykas eardere pleatsen en yndustriële gebouwen, yn it bûtengebied. Dat sil liede moatte ta maatwerkoplossingen;
- De ôfspraken dy't oant no ta makke binne tusken Fryske gemeenten yn de urginsjeferoarding sette wy troch;
- Wy evaluearje en ferbetterje de regeling foar pre-mantelsoarchweningen, mei klam op romtlike kwaliteit en gebrûksfreonlikens;
- Yn it Romtlik Ontwikkelingsperspektyf (ROP) biede wy romte foar beheinde fertichting fan lintbebouwing op geschikte lokaasjes, mei behâld fan lânskiplike kwaliteit en sichtlijnen;
- Wy bliuwe realisaasje fan betelbere sosjale keapweningen trochsetten (ûnder de €250.000, prijspeil 2026);
- By nije wenningbouw-ûntwikkelingen ferskoot de fokus net allinnich nei oantallen, mar mei klam ek nei kwaliteit: it type wenning, de doelgroep, it soarchoanbod en de stêdeboukundige ynpassing.

Thema Ruimtelijke Ontwikkeling

Opsterland staat binnen en buiten Fryslân bekend om haar hoge ruimtelijke kwaliteit. Ons landschap, erfgoed en karakteristieke dorpen dragen bij aan het welzijn van inwoners en maken Opsterland tot een aantrekkelijke gemeente om te wonen, werken en recreëren. De ruimtelijke kwaliteit van Opsterland is één van onze grootste krachten en verdient bescherming, versterking en zorgvuldig beheer. Opsterland blijft een groene en kwalitatief hoogwaardige gemeente waarin grootschalige initiatieven die het landschap aantasten niet passen. We kiezen nadrukkelijk voor kwaliteit boven kwantiteit: ontwikkelingen moeten passen bij de schaal, identiteit en ruimtelijke structuur van Opsterland. Ieder ruimtelijk initiatief levert daarom een aantoonbare bijdrage aan de versterking van de ruimtelijke kwaliteit, waarbij ontwerp, inpassing en landschappelijke waarden centraal staan. Tegelijk willen wij ondernemers en initiatiefnemers de ruimte bieden om te ontwikkelen en te ondernemen. Wij zijn een toegankelijke gemeente die, ondanks complexe regelgeving, actief meedenkt in mogelijkheden en ruimte biedt aan initiatieven van inwoners en bedrijven.

Daarbij vinden wij het belangrijk om initiatiefnemers vroegtijdig en helder duidelijkheid te geven over de (on)mogelijkheden van ruimtelijke plannen, zodat langdurige onzekerheid en onnodige procedures worden voorkomen. We zetten in op een efficiënter proces in het ruimtelijk domein door betere afstemming en vroegtijdige toetsing van initiatieven. Een sterke lokale economie draagt bij aan leefbare dorpen, werkgelegenheid en voorzieningen voor onze inwoners, binnen de randvoorwaarden van onze ruimtelijke kwaliteit.

Dit gaan we doen

- We stellen uiterlijk in het vierde kwartaal van 2027 een Ruimtelijk Ontwikkelingsperspectief (ROP) vast waarin we keuzes maken waar welke typen initiatieven passend zijn. Het ROP wordt verankerd in de Omgevingsvisie, die de basis vormt voor het Omgevingsplan;
- Als een initiatief niet past op een locatie, denken we binnen het ROP actief mee over een alternatieve plek. We zoeken daarbij naar logische combinaties van functies die elkaar versterken;
- We blijven binnen OWO-verband samenwerken aan de uitvoering en implementatie van de Omgevingswet;

Tema Romtlike Ontwikkeling

Opsterlân stiet binnen en bûten Fryslân bekend om har hege romtlike kwaliteit. Us lânskip, erfgoed en karakteristike doarpen drage by oan it wolwêzen fan ynwenners en meitsje Opsterlân ta in oantreklike gemeente om te wenjen, wurkjen en rekreëarjen. De romtlike kwaliteit fan Opsterlân is ien fan ús grutste krêften en fertsjinnet beskerming, fersterking en soarchfâldich beheer. Opsterlân bliuwt in griene en kwalitatyf heechwaardige gemeente wêryn't grutskalige inisjativen dy't it lânskip oantaaste net passe. Wy kieze mei klam foar kwaliteit boppe kwantiteit: ûntwikkelingen moatte passe by de skaal, identiteit en romtlike struktuer fan Opsterlân. Elk romtlik inisjatyf leveret dêrom in oantoanbere bydrage oan de fersterking fan de romtlike kwaliteit, wêrby't ûntwerp, ynpassen en lânskiplike wearden sintraal stean. Tagelyk wolle wy ûndernimmers en inisjatyfnimmers de romte biede om te ûntwikkeljen en te ûndernimmen. Wy binne in tagonklike gemeente dy't, nettsjinsteande komplekse regeljouwing, aktyf meitinkt yn mooglikheden en romte biedt oan inisjativen fan ynwenners en bedriuwen.

Dêrby fine wy it wichtich om inisjatyfnimmers betiid en helder dúdlikens te jaan oer de (ûn)mooglikheden fan romtlike plannen, sadat langduorjende ûnwissens en ûnnedige prosedueren tefoaren kommen wurde. Wy sette yn op in effisjinter proses yn it romtlik domein foar bettere ôfstimming en iere toetsing fan inisjativen. In sterke lokale ekonomy draacht by oan leefbere doarpen, wurkgelegenheid en foarsjenningen foar ús ynwenners, binne de rânebetingsten fan ús romtlike kwaliteit.

Dit dogge wy

- Wy stelle op syn lêst yn it fjirde fearnsjier fan 2027 in Romtlik Ontwikkelingsperspektyf (ROP) fêst dêr't wy karren yn meitsje wêr't hokker typen inisjativen passend binne. It ROP wurdt ferankere yn de Omjouwingsfyzje, dy't de basis foarmet foar it Omjouwingsplan;
- As in inisjatyf net past op in lokaasje, tinke wy binnen it ROP aktyf mei oer in alternatyf plak. Wy sykje dêrby nei logyske kombinaasjes fan funksjes dy't inoar fersterkje;
- Wy bliuwe binnen OWO-ferbân gearwurkjen oan de útfiering en ymplementaasje fan de Omjouwingswet;

DE KNIPE
LUXWOUDE

JONKERSLAND
BONTEBOK

GORREDIJK



- Bij het uitwerken van het Opsterlandse Omgevingsplan nemen we de gelegenheid om onze regels kritisch tegen het licht te houden: wat is echt nodig, wat kan eenvoudiger en waar kunnen regels worden geschrapt, samengevoegd of beter geformuleerd;
- We benutten kansen voor ‘rood-voor-groen’-ontwikkeling, onder andere langs het beekdal van het Koningsdiep, waarbij natuurontwikkeling, bosaanleg en recreatie kunnen worden gecombineerd met kleinschalige bebouwing zoals B&B’s of hobbymatige voorzieningen op passende agrarische locaties;
- Ruimtelijke ontwikkelingen worden zorgvuldig landschappelijk ingepast met streekeigen beplanting, bijvoorbeeld met boomsingels, houtwallen en bosstructuren;
- We stellen een omgevingsconsulent aan die inwoners en ondernemers met kleinschalige initiatieven ondersteunt met regelgeving en hen helpt in het contact met de gemeente.

- By it útwurkjen fan it Opsterlânske Omjouwingsplan nimme wy de gelegenheid om ús regels kritysk tsjin it ljocht te hâlden: wat is echt nedich, wat kin ienfâldiger en wêr kinne regels skrast wurde, gearfoege wurde of better formulearre;
- Wy benutte kânsen foar ‘read-foar-grien’-ûntwikkeling, ûnder oaren lâns de beekdelling fan it Keningsdjip, wêrby’t natuerûntwikkeling, boskoanlis en rekreaasje kombinearre wurde kinne mei lytsskalige bebouwing sa as B&B’s of hobbymjittige foarsjenningen op passende agraryske lokaasjes;
- Romtlike ûntwikkelingen wurde soarchfâldich lânskiplik ynpast mei streekeigen beplanting, bygelyks mei beamsingels, houtwâlen en boskstrukturen;
- Wy stelle in omjouwingskonsulint oan dy’t ynwenners en ûndernimmers mei lytsskalige inisjativen stipet mei regeljouwing en har helpt yn it kontakt mei de gemeente.

Financieel Overzicht

Gezonde Financiële Positie

Opsterlân kent op dit moment een relatief gezonde financiële positie, maar staat daarbij wel voor de nodige uitdagingen. De afgelopen jaren zijn, ondanks grote maatschappelijke en financiële onzekerheden zoals de coronapandemie, geopolitieke ontwikkelingen en Rijksbezuinigingen op onder andere Jeugdbeleid en de algemene uitkering, steeds sluitende begrotingen gerealiseerd. Dat laat zien dat de gemeente haar financiën op orde heeft. Tegelijkertijd laat het meerjarenperspectief zien dat de financiële ruimte vanaf 2027 structureel onder druk komt te staan. Waar de eerstkomende jaren nog sprake is van een sluitend beeld, ontstaat daarna een structurele opgave door onzekerheden in de Rijksfinanciering van het gemeentefonds en de ontwikkeling van gemeentelijke taken. Dat vraagt om tijdige keuzes en een behoedzame financiële koers.

We hanteren hierbij de volgende uitgangspunten:

- Nieuwe ambities worden integraal afgewogen binnen het totaal van beschikbare middelen, waarbij herprioritering binnen bestaand beleid en bestaande middelen nadrukkelijk onderdeel is van de afweging. Wat kan efficiënter of anders georganiseerd worden?;
- Het maatschappelijk effect van beleid staat centraal in de keuzes die we maken;
- Samenwerking met partners en regionale verbanden wordt benut om effectiviteit en efficiëntie te vergroten;
- De ontwikkeling van lokale lasten blijft beperkt en voorspelbaar; de OZB wordt daarbij maximaal met de inflatiecorrectie verhoogd;
- Investerings in maatschappelijke voorzieningen blijven zoveel mogelijk behouden, omdat deze van groot belang zijn voor de leefbaarheid en sociale samenhang. Als bezuinigingen noodzakelijk zijn, gebeurt dit samen met de raad en maken we gebruik van eerder uitgewerkte bezuinigingsopties. Daarbij worden keuzes gemaakt op basis van inhoudelijke afwegingen, met focus op doelmatigheid, efficiency en het borgen van de leefbaarheid van onze gemeente.

Finansjeel Oersjoch

Sûne Finansjele Posysje

Opsterlân kent op dit stuit in relatyf sûne finansjele posysje, mar stiet dêrby wol foar de nedige útdagings. De ôfrûne jierren binne, nettsjinsteande grutte maatskiplike en finansjele ûnwissichheden lykas de koroanapandemy, geopolitike ûntwikkelingen en Ryksbesunigingen op ûnder oaren Jeugdbelied en de algemiene útkearing, hieltyd slutende begruttingen realisearre. Dat lit sjen dat de gemeente har finânsjes op oarder hat. Tagelyk lit it mearjierreperspektyf sjen dat de finansjele romte fan 2027 ôf struktureel ûnder druk komt te stean. Dêr't de earstkomende jierren noch sprake is fan in slutend byld, ûntstiet dêrnei in strukturele opjefte troch ûnwissichheden yn de Ryksfinansiering fan it gemeentefûns en de ûntwikkeling fan gemeentlike taken. Dat freget om yntiidse karren en in hoedene finansjele koers.

Wy hantearje dêrby de folgjende útgongspunten:

- Nije ambysjes wurde yntegraal ôfwage binnen it totaal fan beskikbere middels, wêrby't op 'e nij prioritearjen binnen bestaand belied en bestaande middels mei klam ûnderdiel is fan de ôfwaging. Wat kin oars, wat kin effisjinter of oars organisearre wurde?;
- It maatskiplik effekt fan belied stiet sintraal yn karren dy't wy meitsje;
- Gearwurking mei partners en regionale ferbannen wurde benut om effektiviteit en effisjinsje te fergrutsjen;
- De ûntwikkeling fan lokale lêsten bliuwt beheind en foarsisber; de OZB wurdt dêrby maksimaal mei de ynflaasjekorreksje ferhege;
- Ynvestearringen yn maatskiplike foarsjenningen bliuwe safolle mooglik behâlden, om't dy fan grut belang binne foar de leefberens en sosjale gearhing. As besunigingen needsaaklik binne, bart dit yn oparbeidzjen mei de ried en meitsje wy gebrûk fan earder útwurke besunigingsopsjes. Dêrby wurde karren makke op grûn fan ynhâldlike ôfwagings, mei fokus op doelmjittigens, effisjinsje en it boargjen fan de leefberens fan ús gemeente.

Deze uitgangspunten vormen het kader waarbinnen wij nieuwe ambities beoordelen en de financiële koers van de gemeente richting de komende jaren vormgeven. Wij kiezen voor het voortzetten van een financieel beleid dat gericht is op stabiliteit, realisme en toekomstbestendigheid.

Financiële Vertaling Coalitieakkoord

Dit coalitieakkoord bevat ambities die richting geven aan de ontwikkeling van Opsterland in de komende jaren, waarvoor geld nodig is. Een deel kan binnen bestaande budgetten en met de huidige formatie worden uitgevoerd, terwijl voor andere onderdelen eerst nader onderzoek nodig is om te bepalen hoe de ambitie kan worden gerealiseerd en of daarvoor aanvullende middelen nodig zijn. Van een aantal onderdelen is de financiële impact al wel duidelijk; deze zijn opgenomen in de onderstaande tabel.

De financiële vertaling van het coalitieakkoord wordt verder uitgewerkt richting de begroting 2027. Daarbij brengen we de structurele effecten van na 2026 in samenhang in beeld, met als doel te komen tot een realistisch en sluitend meerjarenperspectief waarin (nieuwe) ambitie en financiële houdbaarheid zorgvuldig op elkaar zijn afgestemd.

Nr.	Onderwerp	2026	2027	2028	2029	2030
1	Vermindering aantal wethouders (1 fte)		+175	+175	+175	+175
3	Vergroten capaciteit jeugd-BOA's		80	80	80	80
4	Flexibel werkbudget verkeer	40	75	75	75	75
5	Verkeersdeskundige	35	100	100	100	100
6	Actualiseren mobiliteitsplan	10				
7	Centrummanager Gorredijk, Beetsterzwaag en Ureterp	10	10	20	20	20
8	Realiseren initiatief van de WHI voor herinrichten Langewal Gorredijk	125				
9	Domeinoverstijgende initiatieven		20	20	20	20
10	Verhoging dorpsbudget		8	8	8	8

Dizze útgoingpunten foarmje it ramt wêrbinnen't wy nije ambysjes beardielje en de finansjele koers fan de gemeente rjochting de kommende jierren foarmjouwe. Wy kieze foar it fuortsetten fan in finansjeel belied dat rjochte is op stabiliteit, realisme en takomstbestindigens.

Finansjele Oersetting Koalysje-Akkoart

Dit koalysje-akkoart befettet ambysjes dy't rjochting jouwe oan de ûntwikkeling fan Opsterlân yn de kommende jierren, dêr't jild foar nedich is. In part kin binnen de besteande budzjetten en mei de hjoeddeistige formaasje útfierd wurde, wylst foar oare ûnderdielen earst neier ûndersyk nedich is om te bepalen hoe't de ambysje realisearre wurde kin en oft dêrfoar oanfoljende middels nedich binne. Fan in oantal ûnderdielen is de finansjele ympakt al wol dúdlik; dy binne opnommen yn de ûndersteande tabel.

De finansjele oersetting fan it koalysje-akkoart wurdt neier útwurke rjochting de begroting 2027. Dêrby bringe wy de strukturele effekten fan nei 2026 yn gearhing yn byld, mei as doel te kommen ta in realistysk en slutend mearjierreperspektyf dêr't (nije) ambysje en finansjele hâldberens soarchfâldich opinoar ôfstimd binne.

Nr.	Onderwerp	2026	2027	2028	2029	2030
1	Fermindering oantal wethâlders (1 fte)		+175	+175	+175	+175
3	Fergrutsjen kapasiteit jeugd-BOA's		80	80	80	80
4	Fleksibel wurkbudzjet ferkear	40	75	75	75	75
5	Ferkearssaakkundige	35	100	100	100	100
6	Aktualisearjen mobiliteitsplan	10				
7	Sintrummanager De Gordyk, Beetstersweach en Oerterp	10	10	20	20	20
8	Realisearjen inisjatyf vfn de WHI foar werynrjochtsjen Langewâl De Gordyk	125				
9	Domeinoerstigende inisjativen		20	20	20	20
10	Ferheging doarpsbudzjet		8	8	8	8

Nr.	Onderwerp	2026	2027	2028	2029	2030
11	Extra ondersteuning verenigingen zonder kantine		PM	PM	PM	PM
12	Inzet robotmaaiers		PM	PM	PM	PM
13	Verhogen beeldkwaliteitsplan centrum naar Hoog		29	22	22	22
14	Inzet extra bladkorven (10 bladkorven)		4	4	4	4
15	Actualiseren lichtbeleid	25				
16	Bestrijding invasieve exoten		PM	PM	PM	PM
17	Formatie R&T uit personeelsbudget		100	100	100	100
18	Opstellen visie sociaal domein		PM			
19	Doarpsdream		50	50	50	50
20	Investeren in voorzieningen		PM	PM	PM	PM
21	Dorpencoördinator		95	95	95	95
22	Omgevingsconsulent (1 fte)		95	95	95	95

Nr.	Onderwerp	2026	2027	2028	2029	2030
11	Ekstra ûndersteuning ferieningen sûnder kantine		PM	PM	PM	PM
12	Ynset robotmeaners		PM	PM	PM	PM
13	Ferheegjen byldkwaliteitsplan sintrum nei Heech		29	22	22	22
14	Ynset ekstra blêdkuorren (10 blêdkuorren)		4	4	4	4
15	Aktualisearjen ljochtbelied	25				
16	Bestriding ynvasive eksoaten		PM	PM	PM	PM
17	Formaasje R&T út personielsbudzjet		100	100	100	100
18	Opstellen fyzje sosjaal domein		PM			
19	Doarpsdream		50	50	50	50
20	Ynvestearjen yn foarsjenningen		PM	PM	PM	PM
21	Doarpekoördinator		95	95	95	95
22	Omjouwingskonsulint (1 fte)		95	95	95	95



Marcel van Opzeeland

Opsterlands Belang
1e locoburgemeester | 1e lokoboargemaster

Voorgestelde Portefeuilleverdeling | Foarstelde Portefúljeferdieling

- Ruimtelijke ontwikkeling | Romtlike ûntwikkeling
- Wonen & volkshuisvesting | Wenjen & folkshúsfesting
- Huisvesting vluchtelingen | Húsfesting flechtlingen
- Grondzaken | Grûnsaken
- Vergunningverlening | Fergunningsferliening
- Implementatie Omgevingswet | Ymplementaasje Omjouwingwet
- Landschap & natuur | Lânskip & natuer
- Milieu, mijnbouw & afval | Miljeu, mynbouw & ôffal
- Water & riolering | Wetter & riolearring
- Gebiedsontwikkeling - natuur & ruimte | Gebietsûntwikkeling - natuer & romte
- ICT & digitalisering | ICT & digitalisearring
- Inkoop & aanbesteding | Ynkeap & oanbesteging
- Projectencoördinatie | Projektekoördinaasje

Dorpen | Doarpen:

De Gordyk, Fryske Peallen, Langsweagen, Bakkefean, De Himrik

Projecten | Projekten:

De Finne, Verbouwing gemeentehuis | Ferbouwing gemeentehûs, It Aventoer, Ruimtelijk Ontwikkelingsperspectief | Romtlik Untwikkelperspektyf



Bert Koonstra

FNP

2e locoburgemeester | 2e lokoboargemaster

Voorgestelde Portefeuilleverdeling | Foarstelde Portefúljeferdieling

- Leefbaarheid & mienskip | Leefberens & mienskip
- Dorpen | Doarpen
- Inwonersparticipatie | Ynwennerspartisipaasje
- Fryske taal & kultuer
- Cultuur & erfgoed | Kultuer & erfgoed
- Verkeer & vervoer | Ferkear & ferfier
- Openbare ruimte & biodiversiteit | Iepenbiere romte & bioferskaat
- Speeltuinen | Boarterstunen
- Energie & duurzaamheid | Enerzjy & duorsumens
- Landbouwtransitie | Lânboutransysje
- Gebiedsontwikkeling - landbouw | Gebietsûntwikkeling - lânbou

Dorpen | Doarpen:

Oerterp, De Tynje, Sigerswâld, Jonkerslân, Terwispel,

Projecten | Projekten:

Werf Koaibosk, de Skâns, BHS, De Optracht



Anneke Oosterwoud

Opsterlands Belang
3e locoburgemeester | 3e lokoboargemaster

Voorgestelde Portefeuilleverdeling | Foarstelde Portefúljeferdieling

- Finansiën | Finânsjes
- Personeel & organisatie | Personiel & organisaasje
- Sociale basis | Sosjale basis
- Bestaanszekerheid & integratie | Besteanswissens & yntegraasje
- Zorg & welzijn | Soarch & wolwêzen
- Jeugd
- Onderwijs | Underwiis
- Sport
- Economische zaken | Ekonomyske saken
- Recreatie & toerisme | Rekreaasje & toerisme
- Gemeentelijk & maatschappelijk vastgoed | Gemeentlik & maatskiplik fêstgoed

Dorpen | Doarpen:

Beetstersweach, Olterterp, Nij Beets, Lúkwâld, Wynjewâld, Lippenhuzen

Projecten | Projekten:

DOM Nij Beets, De Wier, School Lyndensteyn | Skoalle Lyndensteyn, Masterplan Gorredijk | Masterplan De Gordyk, Uitbreiding School Loevestein | Utwreiding Skoalle Loevenstein, Skoalle De Dúnwizer



Voorgestelde Portefeuilleverdeling | Foarstelde Portefúljeferdieling

Andries Bouwman,
Burgemeester | Boargemaster

Bestuur & integriteit | Bestjoer & yntegriteit
Openbare orde & veiligheid | Iepenbiere oarder & feiligens
Toezicht & handhaving | Tafersjoch & hanthavening
Weerbare samenleving | Warbere mienskip
Dienstverlening & burgerzaken | Tsjinstferliening & boargersaken
Communicatie | Kommunikaasje
Juridische zaken & deregulering | Juridyske saken & deregulearring
Internationale zaken | Ynternasjonale saken
Samenwerkingsverbanden | Gearwurkingsferbannen
APV & evenementen | APV & eveneminten

Projecten:

Nationaal Programma Vitale Regio's | Nasjonaal Programma
Fitale Regio's, EuropaPact

